


Ha. Cg. g. 2.

Hasse stikken.





16s. g. g =

# LOSSE STIKKEN

in

## Rím en Onrím,

fen

WALING DYKSTRA.



HEARENFEAN,  
N. A. HINGST.  
1878.




RIJKSUNIVERSITEIT UTRECHT



0514 7115

Prijs 75 Cinten.



## *Lezers!*

Hjir ha jimme wer in samling losse stikken, dy tsjinje kinne om ín lítse en greate byienkomsten foarlêzen to wirden; en soks komt tsjinwirdich net fen ûnpas, nei 'k mien.

Inkelden fen dizze stikjes habbe al earder ín 't ljocht wést, mar de measteen net, — en hja habbe foar en nei allegearre tsjinne by 't Friske Winterjûne-Nocht. For in hopen ljue scille se dêrtroch alde kinders wêze. Ik hoopje likwol, dat se dêrom net oustegere werde scille; mar yet wol hwet noct en wille jaen kinne.

Dy 't goed tasjucht scil opmerke kinne, dat de spelling troch 't hele boekje hinne, net suver allík is. Dat is komd omdat it hwet lang ûnder hinnen wést het mei printsjen en ik ín dy tiid hwet foroaring ín míjn spelling brocht ha. Dit mat men nou oer 'e holle sjen. Ik hoopje dat der mei gauwens in algemiene friske spelling komme scil, dêr 't wy ús for fêst oan halde kinne.

*Holwerd,*  
Maimoanqe 1878.

W. D.

## INHALD.

	Bledside
Droom fen in Jongfeint , . . . . .	1
In Widze presint . . . . .	14
Hwet rûchkalt op 'e Brêgge, oer forskate din-	
gen; twisken Japik en Sjouke . . . . .	17
Haitskemoais klachten ín 'e winter . . . . .	33
It geheim ïn de Bôllekoer . . . . .	49
Boeren en Abbekaten . . . . .	61
It jeuzeljen fen in Arbeider, oer skoalleplicht en yette mear. . . . .	81
Us dageliks brea . . . . .	
Leau gjin Flaeyers . . . . .	
It Leksum fen de Nachtegael . . . . .	111
Nyjiersdicht . . . . .	119

---

## Droom fen in Jongfeint.

---

Gabe Skroar sei in wier wird do 't er sei: »It minskelibben is altiid gjin rîs mei rezinen, it is ek wol ris groat mei krôdde." Elk, — it ken neat skele fen hwet stân of jierren er wêze mei, scil dat sizzen min of mear op grûn fen eigen underfining ta-stemme matte, — al het er den ek noait mei hûn-nemiezels oanhelle wêst, lik as Gabe, en al het er noait jichtich en krebintich wêst, lik as Gabe sîn heit Pibe.

Elke stân het sîn lêsten. De dichters skilderje ús de jongfeintejierren ou as 't foarjier fen 't libben, de tiid hwêrîn alles grienet en blomket, wils 't de wei mei roazen bistruid is. Dy foarstelling is alhiel net mis, as min neigiet hwet in minskelibben ïn letter tiden al meibringe kin. Mar elk dy 't jongfeint is of wêst het scil wol witte, dat der op dy wei ek al stikels en brânnettels waechse. To minsten, ik bin dat ïn mîn jongfeintejierren ris wîs worden op in snjûntojûn. Hwet my do oerkaem wier eigentlik sa fôlle sünders net, dat it de moeite wirdich wêze scoe om der nou yet oer to praten;

hwent dat is bûten my by tûzenen oerkomd en 't  
*scil* ek yet wol by tûzenen oerkomme. Jimme matte  
 witte, ik hie dy snjûntojûns in blauwe skine roan.  
 Mar dêr folge in tige nuvere droom op, dy woe 'k  
 jimme ris forhelje, en jimme scille 't my hoopje 'k  
 net kwea nimme, dat 'k earst in foege oanrin nim  
 om op 'e set to kommen.

Der wenne ïn ûs gea in tige tsjep jongfaem; dêr  
 siet in alderleafst holtsje op, en ïn de omgong  
 wier se sa frjûnlik en sa op 't wird birelt, dat se  
 elk foar hjar ïnnaem. Nou, wier ik ïn mîn tiid  
 dealske keken ïn 'e frouljue. Alle sneintojûnen om  
 to fiterjen, lik as sommige feinten diene, dat wier  
 lang mîn bistek net. In faem, dy 't my net sinnige  
 dêr woe 'k ek gjin gemael mei ha, en as se my  
 sinnige scoene, den moast der in deales bîtsje oan  
 skele. Nou wier der ïn mîn tiid, nei mîn sin, gjin  
 gnapper en oannimliker faem to finen as Japke.  
 Ho 't se hjar halde en drôech as se by in fryer  
 siet, dat wist ik yet net; mar ik hied er wol langst  
 nei om dat wîs to warden. En ienkear op in snjûnto-  
 jûn scoe 'k dêr mar ris undersiik nei dwaen, tocht  
 my. Ik teach mîn alderbêste pakje klean oan en  
 stapte moedich op hjarres ta. Mar do 'k dêr kaem  
 stie 't fen 't bigjin ou oan al forkeard; dat koe 'k

fen efteren skoan bigripe; — do op dat stuut wier  
 'k der blîn for. Hja bleau mar sitten; de jonge moast  
 my in stoel jaen en hjar heit moast my in piip krye.  
 Ik hie mar in bîtsje sitten, do smiet hja 't earizer  
 fen 'e hölle. Lîk as 'k sei, ik hied der in 't minst  
 gjin erch in dat dat allegearre forkearde teikens  
 wieren. Ik tocht mar dat hja gâns omskrept hie  
 mei 't snjûnswirk, en dat se nou for in amery it  
 earizer ousette, omdat it hjar to waerm wier. Mar sa  
 gau as wy togjeare wieren, hearde 'k freeselike for-  
 heard op, do 't hja koelbloedich en koartwei tsjin  
 my sei: »Ast om my komste kinst mar wer hinne  
 geaan." — Gjin ding hie 'k minder om tocht. —  
 It kaem my sa unforhoeds oer, dat ik gjin wird  
 wist ut to bringen, sa wier ik fen mîn stik; en  
 oars, al siz 'k it sels, hie 'k altiid de mûle in 'e  
 beide hannen. Ik seach sa taei as in skjippetik dy 't  
 sin moer bjuster is en ik makke koarte metten; ik  
 striek er op ou as in ougisele hûn. Do 'k thûs kaem  
 slûpte 'k mar stil ta 't fenster in; ik krûpte gau  
 ander de tekkens, mar 't sliepen woe net. Ik mimere  
 dat de holle my omtrint boarste. Ik koe my net bi-  
 gripe hwet reden hja ha koe om my sa ou to sté-  
 gerjen. En ik hied er my safolle wille fen foarsteld  
 as hja my in ginst oannomd hie. Ik hie mîn bi-

rekkening al makke, om earst in jier twa mei hjar  
 to fryen en alle roazen dy 't foarjier fen 't libben  
 meibringt, to ploaitsen, en den njunkelitsen min  
 wifke fen hjar to meitsen. En by de earste oanren,  
 dy 'k dêrta die, roan ik al sa danich op 'e stomp.  
 »Mar ik scil 't by disse iene kear net bljuwe litte,"  
 tocht ik, »ik wol der wer hinne en ik mat der wer  
 hinne. Ik wier niis net op 't wird biredt; ik mat  
 better mei hjar prate." — As min achtsien of  
 twyntich jier is, mient min dat min de berneskoen  
 al úttein het, mar letter sjucht min faek wol dat dat  
 net wier wêst het. — Ik wier do bernhaftich enoch  
 om grif to mien, dat ik súnder Japke net libje  
 koe; en 'k ben dôch súnder hjar al oer de fiftich  
 jier komd. — Nou, ûnder dat mimerjen rekke 'k in  
 'e sliep en ik droomde.

Ik droomde dat ik wier to Harns op 't suderhaed; dêr seach ik in ûnhiermlike greate bok stean. Net in libbene bok mei hoarnen op 'e kop, mar in bok fen trye groubalken, ûngelike fôlle heger as de Harnser toer. In dy bok hinge in unbîdich great sou; fen bistek as in koalsiedsou, mar sa great, dat it nei min roaying wol trye pûnsmitte lân bislaen koe. Under dat sou stie in almeugende greate koer, dy scil neat litser wêst habbe, wol 'k leauwe, as 't

winfet fen Heidelberch, dêr 't se in ljetter fen fifticht  
 trimen by brûke matte om op 'e bopperste râne  
 to kommen. It sou gîng mei alle geweld boppe dy  
 koer hinne en wer, mar ik koe net sjen hwet dêr  
 in wier. Lîkwol dat waerd ik gau wîs; ik waerd  
 troch in ûnsichtbere hân fen 'e grân tild — en  
 in dat sou smiten. Mar och, mîn ljeave ginst! hwet  
 gîng 't er dêr om wei. Dat sou wier fol feinten en  
 fammen, en dy fleagen der troch 'n oar, dat hearren  
 en sjen moast yen hast forgean. Ik wier der sa gau  
 net in, of — hwa mien jimme, dat ik dêr seach? —  
 Mîn okkebield Japke! — Ik miende to sjen, dat  
 hja my frjûnlik oanglimke. Do skrepte 'k wakker om  
 by hjar to kommen. Mar do 'k sa nei oan hjar ta  
 wier, dat se my birikke koe, do skôp se my sa al-  
 derheislikst tsjin de skine oan, dat ik 't útgûle moast,  
 sa sear die my dat, wîls 't ik laei to krâllen as in  
 iel.

Do fielder 'k dat ik by 't skouder krige waerd.  
 Ik seach op, — dêr wier in wîfke, frjûnlik fen útsjuch  
 en heel ienfaldich klaeid, — mar dôch kreas.  
 Hja sei tsjin my: »Hark 'ris, jongfeint, dou mast  
 ris efkes nei my lûsterje. Gean hijr hwet by my  
 op 'e kant fen 't sou sitten, en sjuch it spil ris-  
 efkes mei bidaerde sinnen oan, earst dy der wer mei

înjowste." Dat wifke kaem my sa aerdich foar, dat ik folge hjar rie.

»Mar hwa binne jy? as 'k freegje mei," sei 'k.

»Mîn namme is SÂNEREDEN," sei se. »Ik honkelje al folle sahwet as in forskoveling om. Der benne in bulte minsken, dy 't net folle fen my witte wolle, en ûnder 't oerdwealske jongfolk is mar inkeld ris ien, dy 't him fen my riede en liede lit. — Dou meist dy wol goed mei de beide hannen beet halde" sei se fjirder, »hwent it sou kriget soms sokke ûnforwachte hoarten en stijtten, datst licht wer in 'e maling reitse kenste earst der op fortocht biste. Sjuch my dat spil nou ris oan! De feinten skreppen hwet se kenne om by de fammen to kommen. De fammen, ja, dy beare al wakker, dat se net folle dwaen mei manljue ha wolle; mar hja litte dôch net graech in gelegenheid foarby gean om der mei in oanreitsing to kommen en ien oan 'e hân to kryen. Lîkwol bart it ek yet wol gau ris, dat in feint sa'n trewinkel kriget lik as dou niis; mar ik leau net dat se allegearre sa kliensearich benne as dou.

Sjuch ris oan, ho mâl as de boel der troch 'n oarfjucht. In Munsterlanner of Prûs komt faek by in friske faem to lâinne, in Hollanner by in jawaenske, in waldsjer by in klaiker, in greidboer by in bilfro-

mensk, in greate by in litse, in groue by in kliene. Soms sjuchste 't ek dat in earme mei in rike klear rekket, mar dan wol der wol graech ris in *dit* of in *dat* oan wêze. Mar sjuch, as der in pear by 'n oar komme, en 't sou kriget wer ris in fikse pomp, — den fleane se wer dwers fen elkoar ou, reitse elkoar bjuster en matte nei in oaren omsjen. Dat komt meast dêr fen dinne, dat se elkoar net goed enoch beet halde. As 't sa fier komt, dat se mei ljeafdetoutsjes oan elkoar frissele sitte, ek sûnder dat se dat sels yet witte of miene, den het it sa fölle gefaer net mear, dat se elkoar kwît reitse."

»Mar," sei ik, »dat is dôch in nuver sou; efter benne der gjin gatten ïn en foar al. Hwêr is dat goed for?"

It wifke sei: »Dou bigripst wol, hja hutselje al sa ûngemirken fjirder nei 't ût-ein fen 't sou ta. Dy gatten habbe krekt sa'n wiidte, dat der ien troch ken, mar gjin twa ta gelik. As der twa boppe komme dy 't elkoar goed beet halde, dy habbe gjin gefaer dat se der troch reitse scille. Mar ien, dy 't net slagje wol om mei in ûngelikens klear to reitsen, en dêrom allenne ïn 't sou omtümmelje mat, — dy rôllet der troch sa glêd as in klûntsje. Dou sjuchst wol, hja keare al dîvekers tsjin, hja habbe der gjin sin oan; mar it sou skoddet sa bjuster, dat hja reitse der op

't lêst altiid troch. En den komme se in dy greate koer to lanne, dy 't hjir under stiet. Dat is de födkoer, maste witte. Sjuch mar ris eskes efter dy om, den kenst dêr in del sjen. Dêr sjuchste alde feinten, dy sitte to netbreidsjen of mei oars hwet to nifeljen, en alde fammen mei in kat op 'e skette en de trekpoat in de iene en de thebos in de oare hân. Hja prate ek wol oer de fryery fen 't jongfolk, mar meast altiid op in skimpemde smeulske menear. As se fen troude ljue hearre, mei gâns in hûsgesin, dy 't der kokhalsjen aan ha om tröch de tiid to kommen, den giet it hert hjar op. En dêr kinne in hopen aldfeinten allike aldwiich oer prate as alde fammen, krekt allik as ek oer swiet item en drinken."

»Dêr sit ek in aldfeint to lezen," sei ik.

»O ja," sei 't wifke, »dy dêr, mei 't kamisoal aan 't kin ta ticht knoopt, mei de foetten op 'e plaatstove en de beide hannen in 'e búse; mei in heal lang piip in 'e mâle, dêr 't de flibe by del rint. Dy is al goed fiftich jier ald."

»Dy lêst fêst orthodokse préken," sei ik.

»Né," sei 't wifke, »hy lêst romans, en sokken lik as *Lydewyde* en *Eva van Parijs* het er ljeafst. Mar dy faem dêr, dy is yet mar fiifentritich jier, dy lêst orthodokse preken, en giet sneintojuns nei

't sprekloael, omdat de evangelist, dy 't dêr den preket, wol in flink jongkerel is, mei in moaye stemme."

Ik frege fjirder: »Dy pearen dy 't net tröch 't sou rôlje, hwer bilânje dy?»

»Dat scil 'k dy ek sjen litte," sei 't wifke.  
 »Sjuchste dêr op 't ein fen 't haed dy greate poarte net stean? As se njunkelitsen ta 't sou ûtrolje, geane se dêr troch. Den krye se in skip en dêr geane se de sé mei ïn. — Boppe de doar fen dy poarte is in great rût; dat sjuchst wol, oars net? Dêr stean greate forgulden letters op, mar fen disse kant oansjoen, steane se 't efterst foar, dêrom mast dy al goed biwisje ast dat opskrift lêze wotte. Dy 't mar breklik lêzen leard het kin der alhiel net ût komme, mar de measten, dy 't dêr in dat sou omtümmelje, slaen der ek gjin ienris acht op. Hja sjugge der mei langst nei ût, om mar troch dy doar te kommen, om 't se miene dat se 't dan better nei 't sin ha sille as hjir ïn 't sou. Dou mast dat opskrift lêze fen de rjuchterhân nei de lofter, den finste dat der stiet: »*De Doar fen Bikommernisse*».

»O ja!" sei 'k, »mei 't trouwen komt de doar fen bikommernisse op, ha 'k wol ris fen alde wiven sizzen heard."«

»Ik ben ek net jong mear," sei 't wifke. »Dou

bigrîpst licht, as de ljue troch dy doar hinne benne,  
 kenne se mei in each-opslach dat opskrift léze,  
 hwent den sjugge se 't fen de oare kant oan en den  
 stiet it klear en dûdlik foar hjar op it glês.

Nou scil ik dy ris troch mîn fjerrekiker sjen litte.  
 It is dêr boppe dy sé sa dizenich, datste mei 't  
 bleat each net fölle ûnderskiede kenste. 't Is wol in  
 moai gesicht, oars net? — al dy skippen, dy 't dêr  
 troch elkoar wimmelje, en ek al tsjin elkoar oan 't  
 hirdsilen benne. Dêr sjuchste plesierjachten, prachtich  
 biskildere en forgulde, en optoaid mei flaggen en  
 wimpels. Den sjuchste himmele boaten, en de ljue  
 derîn binne jimmer in 'e skrep om hwet to fangen  
 op de greate sé. Dou sjuchste ek alte drinsfetten, sa  
 wrak, dat se hast net mei pompen boppe wetter hal-  
 den wirde kinne. Lîkwol sokken binne der ûnder  
 de pleisierjachten ek wol, mar dat is der fen bûten  
 net oan to sjen. — Der binne sels ûnder al dy far-  
 tûgen forskate sa swak fen inhalden, dat se hjar  
 sels net rôdde kinne. Dy wirde mei lyen foarthol-  
 pen troch dy twa greate sleepboaten dyst der sjuch-  
 ste. De iene hjit *Jan Kredit* en de oare *De Earme-  
 steat*. Hja fjugge der net hird oer for stoomboaten;  
 dat komt dêr feu dinne, dat se altiid hwet krap  
 stienkoal habbe en gâns in sleep efteroan. Mar sjuchst

dêr dy hele greate moaye stoombaat wol farren, dy 't boppe al dy oare skippen útblinkt as in prachtich sékastiel? Dêr stiet mei greate forgulden letters op: »It great Ieslok,” — en op it dek wimmelt en krielt it fen mensken. Dy boat heart oan 't rîk; alle ljue, dy 't dêr op farre, benne ïn lâns tsjinst en habbe 't meastentiids net swier. It skip is sa heech, dat de ljue der by op kroadde wirde matte. Dy 't in goede krode treft komt dêr wol ris maklik en goedkeap to plak; mar oars kostet dat kroadsjen faek safolle jild, dat it lang elk en iens fôech net is om dat út to skroarjen. Dêrtroch bistiet der for sljuchtwei ljue net folle kâns om dêr to plak to kommen.

Immen mei wol goed op 't skipperjen oujage wêze, ear 't er him op dy sé bijowt, — dat siz ik dy: hwent der komme soms dealse mâlle buyen. De loft is boppe dy sè omtrent ailik as er ïn 'e hûnsdagen fölle wêze kin; de iene bui giet faek op en de oare ou. Soms kin 't likje krekt as der in tige swierwaer opkomme scil, — dat it dôch allegjerre wer fortart en oerdrjuwt. En op in oare tiid wer kin der sa mar ïn ienen in geweldige bui opkomme, al seagen min in heal ketier tofoaren gjin griltsje oan 'e loft. Op 't iene plak kin 't sierlik moai waer wêze, dat der in aerdich koeltsje ïn de seilen blaest en de sinne der op skint,

wils 't de skipkes seaft tröch 't wetter glide, — en tagelik kin 't op in oar plak sa danige unlyich wêze, dat de man en 't wiif hjar beide mar tige to skrep sette matte om de boel foar 'n oar to halden. En den krye se faek dôch yet wetter in of hja reitse lek, en inkelden slaen ek om. Dêr lizze sokken meast for bleat, dy 't seil heger lûke as de mîest, of net goed op 't roer passe, of net in each in 't seil halde. It komt mei sokken net selde sa fier, dat se de ta-flecht nimme matte ta ien fen dy sleepboaten.

De rankste boaten binne fensels de gefaerlikste; mar de plesierjachten, al ha se net sa folle gefaer fen omslaen, kinne dêrom yet ek wol tsjinrampen krye. Sjuch mar ris efkes omheech, der sjuchste in freeslike greate fûgel sveven, mei mear as hûndert koppen. Dat is de greate *goarre*, de grimmitchste fen alle rooffûgels, dy 't de mensken alderhanne sîkten en kwalen op 't liif jaget. — Hy nimt gau ris ien beet fen dy furrensljue, faek as se by moai waer en foar de wîn plesierich drjuwkje en op gjin unge-mak fortocht binne. En hy komt hjir ek wol ris boppe 't sou. Hy kin de mensken danige skoftsen under 'e foetten smite. As er se den op 't lêst wer los lit en op 'e flecht giet for de sterke lucht fen goed út it apteek, den meye se yet sprekke fen gelok.

Hwent hy slint ek forskate mensken wei. En for him binne de ljue út de plesierjachten neat feiliger as de oaren, al miene se soms al, dat se him fen 't liif keare kinne mei alderhanne kinstmiddels ïn hjar menear fen libjen".

Nou wier 't as de löft oan 'e kimen hwet bigân op te klearjen en do krike 'k dêr in streek lân ïn 't each. Ik frege it wifke: »Is dat dêr net in eilân?»

»Ja," sei se, »dat is 't eilan *de Alde Dei*. Dêr sette dy farrensljue allegjearre op ta, om nei al hjar swalkjen en bodsjen yet in mannich dagen fen nochlike rêtst to finen. Dêr steane earmhuzen en gasthuzen en mear ïnrjuchtingen fen dy aerd. Dêr steane **ek** kreaze en deftige borgerhûzen, meastal op hege terpen, dêr 't de ljue hjar skiepkes weidsje, dy 't se dêr op 'e droechte krike ha. Mar fierwei de measte reisgers komme dêr net. Mannichien wirdt oer boart slein troch storm en ûnwaer en yette mear wirde der weinomd troch de rooffûgel de greate *goarre*.

»Nou jongfeint, nou ha 'k dy koart wei sa 't ien en 't oar sjen littin, dat dy fêst wol stoffe ta neitinken jaen ken. Nou mast dou mar witte hwet dy to dwaen stiet."

Ik woe dêr hwet op werom sizze, mar ear 't ik

wils 't de skipkes seaft tröch 't wetter glide, — en tagelik kin 't op in oar plak sa danige unlyich wêze, dat de man en 't wiif hjar beide mar tige to skrep sette matte om de boel foar 'n oar to halden. Enden krye se faek dôch yet wetter in of hja reitse lek, en inkelden slaen ek om. Dêr lizze sokken meast for bleat, dy 't seal heger lûke as de mêt, of net goed op 't roer passe, of net in each in 't seal halde. It komt mei sokken net selde sa fier, dat se de ta-flecht nimme matte ta ien fen dy sleepboaten.

De rankste boaten binne fensels de gefaerlikste; mar de plesierjachten, al ha se net sa folle gefaer fen omslaen, kinne dêrom yet ek wol tsjinrampen krye. Sjuch mar ris efkes omheech, der sjuchste in freeslike greate fûgel sveven, mei mear as hûndert koppen. Dat is de greate *goarre*, de grimmitchste fen alle rooffûgels, dy 't de mensken alderhanne sîkten en kwalen op 't liif jaget. — Hy nimt gau ris ien beet fen dy farrensljue, faek as se by moai waer en foar de wîn plesierich drjuwkje en op gjin unge-mak fortocht binne. En hy komt hjur ek wol ris boppe 't sou. Hy kin de mensken danige skoftsen ûnder 'e foetten smite. As er se den op 't lêst wer los lit en op 'e flecht giet for de sterke lucht **fen** goed út it apteek, den meye se yet sprekke fen gelok.

Hwent hy slint ek forskate mensken wei. En for him binne de ljue út de plesierjachten neat feiliger as de oaren, al miene se soms al, dat se him fen 't liif keare kinne mei alderhanne kinstmiddels ïn hjar menear fen libjen".

Nou wier 't as de löft oan 'e kimen hwet bigân op te klearjen en do krike 'k dêr in streek lân ïn 't each. Ik frege it wifke: »Is dat dêr net in eilân?»

»Ja," sei se, »dat is 't eilan *de Alde Dei*. Dêr sette dy farrensljue allegjeare op ta, om nei al hjar swalkjen en bodsjen yet in mannich dagen fen nochlike rëst to finen. Dêr steane earmhuzen en gasthuzen en mear ïnrjuchtingen fen dy aerd. Dêr steane **ek** kreaze en deftige borgerhûzen, meastal op hege terpen, dêr 't de ljue hjar skiepkes weidsje, dy 't se dêr op 'e droechte krike ha. Mar fierwei de measte reisgers komme dêr net. Mannichien wirdt oer boart slein troch storm en ûnwaer en yette mear wirde der weinomd troch de rooffûgel de greate *goarre*.

»Nou jongfeint, nou ha 'k dy koart wei sa 't ien en 't oar sjen littin, dat dy fêst wol stoffe ta neitinken jaen ken. Nou mast dou mar witte hwet dy to dwaen stiet."

Ik woe dêr hwet op werom sizze, mar ear 't ik

mei mîn antwird klear wier, bigûn it sou **wer** sa danich to skodsjen, dat it koe neat lit habbe of ik hie efteeroer in de födkoer del tûmmele. Mar ik **for-**  
halde 't yet; ik rôlle foaroer, wer hals oer 'e kop  
midden in 't sou, en — ik waerd wekker.

Nou, dy droom hie my al stoffe ta neitinken jown,  
dat hie 't wifke goed rekke. Mar ik bigriep it do **da-**  
lik allegearre lang net goed, hwet de rjuchte bitei-  
kenisse wier fen al dy dingen, dy 'k in 'e sliep sjoen  
hie. Nou 't ik tritich jier alder worden bin, nou begriep  
ik it folle better. Ik tink sa scil 't mear ljue mei  
my wol gean.

### In Widze Presint.

Do 't Haitse Wopkes widner wie,

Waerd Lolk sîn hûsfrou-faem,

Dy 't al hwet by him wenne hie,

Do 't Rein as feint dêr kaem.

Hy wier in fikse, warbre fint,

Bistindich kloek en bêst,

Mar nei de frouljue, — 't wier bikind, —

Hie Rein yet noait net wêst.

Elk tocht: dêr het er net mei op.

Mar 't jier wier skraech to 'n ein,

Do kaem der unforwachte in rop,  
Dat Lolkjen scoe aan Rein.

Boer Haitse boude in hûske nêst  
Sin hiem, for 't jonge pear.  
Rein bleau by him in 't wirk for fêst,  
Sa wien se mei 'n oar klear.

Hja krigen ek in skiep in 't lân  
En hûsrie flink en knap;  
Hwent beide hien se, nei hjar stân,  
It jild net mâlle krap.

Hja hiene 't tige, nei hjar dwaen.—  
It dûrre net in jier,  
Do rekke Lolkjen fen 'e baen,  
De widze oer 'e flier.

Dy widze hie de boer hjar jown.  
Dy hied er dôch yet stean;  
Hy brûkte 'm net, en Lolkjen stiek  
Er dér mei in 'e klean.

Frou Stimsma kaem to pop-bisjen,  
Wils 't Rein to widzjen siet.—  
Hja wier in snoar fen Haitseboer;  
In eptich minske wie 't.

Hja kipe 's onder 't widzeklaed  
En sei: »Dat liket skoan.

'k Mat sizze, 't is in bêst bigjin,  
Sa 'n flinke jonge soan." —

Hja seach ris om hjar hinne en sei:  
» It liket my sa ta,  
Dat jimme 't hjur, for arbeids-ljuw,  
Mar flink in order ha.

» It widzespil en alles is  
Sa kreep en knap as 't kin.  
Jim' ha hwet by 'n oar garre wis,  
Dat kin men yette sjen.

Dat 's kjessens, tekkens, widzeklaed  
Mar allegear fen 't bêst.

'k Scoe sizze, Rein, jy ha for 't earst  
Goed ta de ponge wést."

» Né frou," sei Rein, » it giet mei us  
Sa lang net ut de rûmt.

As 't komme matten hie fen my,  
Den hie 't sa lang net komd.

» Dy widze, mei al hwet der op  
En in is en der oer,  
Dy ha wy sa mar, kant en klear,  
Presint fen Haitseboer."

---

## Hwet rûchkalt op 'e Brêgge oer forskate dingen,

twisken J A P I K en S J O U K E.

---

### Japik.

Ei sjuch ris ho 't de ljue wer nei de herberg rinne;  
Der is jûn fest in Nut of sahwet oan 'e hân.  
'k Sjuch hearen, borgerljue en boeren en boerinnen,  
De frouljue binn' sa moai as hien' we peaske ïn 't lân.  
Dy minskens habbe mar formaken wit hofölle,  
En wy ljue komme neat to hearren noch to sjen.  
Ik scoe der for in kear wol efkes kîpje wolle,  
Hwet sokke ljuwe sa bidaerd formeitse kin.  
As wy ljue wille ha, by 't simmer ïn de merke,  
Den wirdt er raesd en beard, it het soms skik noch  
roai.

Mar hja binn' dêr sa stil hast krekt as ïn 'e tsjerke;  
My tinkt, dat is sa dôch wol aerdich en wol moai.

### Sjouke.

Dat is om winterdei de tiid oan 'e ein to kryen;

As 't iis gjin wille jowt, den mat men dôch hwet ha.  
By 't simmer habbe se ek al rjue ljeafhabberyen,  
Den giet it meastentiids sa hiel bidaerd net ta.  
Hwent nocth to siikjen dat is 't doel mar fen de ljewe  
Dy jild bisitte, dat het altiid al sa wêst.  
En dy 't dat net ha, mar dôch graech om hegens  
kljuwe,  
Dy jowt dit faken mar in hopen soarch en lêst.  
Hwent wol men oeral by en ût de rûmte tarre,  
Mar het men 't jild to krap, den is 't in swiere striid.  
De weelde, Japik, wirdt faek ût it liif bisparre,  
Mear as men tinkt en mient, in ûs forljochte tiid.  
Japik.

Fy, Sjouke, hald jo stil, dat scil sa slim net wêze,  
My tinkt, jy falle er daelk hwet al to hird oer út.  
Men kin hjir 't libben dôch op 't lêst mar ienkear brûke,  
En dy in disse tiid him rûnom bûten slût,  
Dy is nin bit in tel en scil in 't efterst reitse.  
Hast alle dagen wirdt er wer hwet nys bitocht,  
En immen dy hwet is mat kinnis der mei meitse.  
Dy kinnis likwol wirdt him in 'e hûs net brocht,  
Al lêst er in in wike ek twyntich nyspompieren.  
Hy mat de wrald in om de dingen sels to sjen.  
En as de ljue by alds faek om 'e nocht pleisieren,  
Nou giet dêrmei gjin tiid of jild unnut forlern.

## Sjouke.

't Is larie, goede man! by 't eintsje fen 'e storie  
 Fint man nichien tsjinwirch de rekken ïn 'e pong.  
 'k Wit dat de dingen nou wol bare hird foroarje;  
 By 't kret wei nei 't toaniel, dat is in hele sprong.  
 Mar tinkt men den net licht om 't preekjen hwet  
 to fölle?

Sjuch, praten is nin bít, mar dwaen dat is in ding.  
 Foarütgong sit de ljue nou wakker ïn 'e hölle,  
 Mar ïn 'e búse fiele in hopen 't mar gering.  
 Wol graech de boer mînhear, de frô graech jiffrou  
 hjitte,  
 As se ïn de freamde komme, och, dat biteikent neat.  
 As troch 't pleisierjen 't lân hast oergroeid is mei  
 kjitte,  
 Den wit ik dit er fen, den stiet de boel forkeard.

## Japik.

Ik leau, jy halde er fen tsjin alles dwars te drjuwen.  
 De tiden binn' nou sa foardélich, elk en ien  
 Fint malle gau de wei om hird omheech te kljuwen  
 En dy ïn 't efterst bliuwt heart ommers by 't gemien.  
 Al is min net in bít, men wol doch graech hwet likje,  
 Hwent by gjin ien ïn tel to wêzen is sa hird.  
 Dus mat men 't ommers sa wol oan to lizzen siikje,  
 Dat me oeral as in man fen oansjen achte wirdt.

Foarhinne hie men ljue, dy thûs hjar measte wille  
 To finen wisten en genôch hiene oan hjar sels.  
 Ik wol wol leauwe dat se er yet sa wêze scille;  
 Mar dy gean oan in ald en stiif foaroardiel kwels.  
 Dy minsken klaeye hjar net nei de nyste mode,  
 Hja habbe in tsjinnigheid ïn idle pracht en toai,  
 Mar binne dom en blin; hwent wol men op 'e krode,  
 Den mat men oeral by en prate jimmer moai.

Sjouke.

Ja, moai is 't allegear, mar under al dat moaye  
 Is 't sun forstân, ha 'k soarch, by 'n hopen ljue to siik,  
 En dêrtroch kinn, se faek de miette net goed roaye,  
 Sa komme er föllen mei hjar rïkdom op 'e dîk.  
 Men kin nin grevel steat mear op 'e minsken meitse  
 It liket wol in boel, mar 't is soms net in bit;  
 Sadwaende kin der licht ien mei bidragen reitse,  
 En 't helpt hjar sels ek wol ris deales in 'e mít.  
 Hwent as de man sîn jild for saken mient to brûken,  
 Den fint er 't laedsje leech omtrint, den het de vrou  
 It oars bisteld, oan goud en silver, bûntgoed, doeken;  
 Mar 't hûslik lok giet den der mâlle hird op ou.

Japik.

Scoe dat sa wêze? ja, men sjucht de measte dingen  
 Fen bûten, is 't net wier? En den kin me oars net sjen  
 Of 't giet sa 't heart; de wrald is fol ferbetteringen.

En de alden leare al ïn hjar earste bry de bern  
 De wrald to tsjinjen. Och! hwet binn' dy fammen  
 swierich.

It blinkt, al hwer men sjuchtfen kraeltsjes, side en goud.  
 Moai klaid to gean is for in minske sa pleisierich,  
 Omdat oan 't ûthingboerd it each faek hingjen bljuwt.  
 Sjuch, het in keapman foar de glêzen fen sîn winkel  
 In bult moai goed to pronk, dat lokket keapers oan;  
 Dat kinn' jy freed op freed to Leauwerd sjen by Sinkel.  
 Dus ken in flink jongfaem net bûten hwet fortoan.

### Sjouke.

't Kin wêze, mar men wit net hwet in soarch en lyen  
 By folle minskens dat fortoaning-meitsen jowt,  
 Om alles nei de trant en de earste swier to kryen.  
 Mîn ljeave man, it wirdt soms nuver by 'n oar klaud.  
 't Is wrîchtich oeral gjin skep op mar en lit koel!  
 It giet in hopen as de stientsjes, dêr de bern  
 Op 't flakke wetter soms sa moai mei skûljeboelje;  
 Dy kin me in hele poas hjar boppe halden sjen,  
 Mar sinke dôch op 't lêst. Sa matte fallen sinke,  
 Om't hjar de kreft bijouwt. De wrald biwiist hjar den  
 De ginst, dat om sa'n ien de minskens net mear tinke;  
 Hy het er ommers den de minste pine fen.

### Japik.

En dat hjir ïn in kristenlân en ïn in ieuwe

Hwerin de minsken sa fen ljeafde, deugd en ear  
En fen humaniteit lûdröppen, preekje en skrjuwe ?  
Ik ha fen 't hiele spil, sa wier, gjin hichte mear.  
Elk skript mar om foar 't each de boel in 'e es to kryen.  
In faem bigript wol hwet de fryers lokje wol;  
Hja toait mar swiid hjar op mei bûnte flarderyen,  
Al het se altiid dêrby hjar knipke just net fol.  
Hja mat in 't fryen hjar foaral mar keapsjuch meitse,  
Al scil 'tek op 'e klits, dêr wirdt net swier oer tild;  
Al scil se er nei hjar boask ek troch in 't unleech  
reitse,  
Hwent sjuch, hja snapt altiid gjin kerel just mei jild.

Sjouke.

Den komt de moade fen ús strookjaponuedagen  
Faek tige skoan to pas. Den kin der fen sa'n skoart  
In widzeklaed. Is 't jak t'utwrijdsk om mear to dragen,  
Omdat me as arbeidsljue der hinne libje mat,  
Den kin 't al mei de tiid for bernejstopen tsjinje.  
Mar den tinkt mem allicht: och, hie 'k min jild mar wer!  
En kin de goede man den net genôch fortsjinje,  
Den komt er hûskrûs en 't wirdt earmoed allegear.  
Mar kin men op 'e tiid it skoander jild net sparje,  
Den kin men al dat gûd, dy djûre pronkery  
For letter tiid fen need op oubraek mar biwarje.  
Den bringt it altid yet in bitsje rûmte by.

## Japik.

Ja, mar bidarje hwet! it kin ek oars biteare;  
 Sa'n moai opmakke faem trout licht in rike man.  
 Hast alle feinten binn' tsjinwirdich jonge hearen,  
 Dêr ha se wûnder moai de slinter langer fen.  
 Hja bitterje op 'e tiid en smoke trou sigaren,  
 Gjin stjonkerts fen in cint, mar echte, djûr en fin;  
 Hja habbe er kinnis fen en keapje lang gjin snaren.  
 Hja habbe ek al forstân fen madera en wîn,  
 Dat sprekt fen sels; hja piele oeral mei fers-opsizzen,  
 En prate fen *gevoel* en *smaak* en *kracht* en *gloed*.  
 Né, nimmen hoeft nou mear de feinten leech to lizzen,  
 Hia jowe in stedman ïn gjin ding in streek foarût.

## Sjouke.

Ja, proastich binn' se mei hjar kaeyen en hjar ringen  
 En gouden keattingen op 't festje en op 'e brôek.  
 Mar habbe in hopen jild genôch for al dy dingen,  
 Der wirde stellich ek in boel út needsaek klôek.  
 Der binn' guds by dy ljue mei oerhimd en mei boarden  
 En 't hier nymoadrich kjimd, dy habbe 't net to rûm;  
 Mar folgje likwol trou ljeafst alle nye moaden,  
 Al sucht **er** ek in skroar of pakkedrager om.  
 Bitrou **mar** net tofölle op toetsjen en op blazen;  
 Dy dêr kredit op jowt, dy rekket wol ris lëst.

Hwent alles is gjin goud hwet blinkt by sokke bazen;  
En swetsen is gjin kinst. In domkop kin 't faek bêst.

Japik.

Rjue saken likje fêst wol moayer as se binne,  
Dat hear ik wer oan dy, al hie 'k it oars net tocht.  
Elk hinget graech in skil fen greatheid om him hinne,  
Den komt sîn neatichheid sa maklik net oan 't ljocht.  
Mar dit is likwol wier, der wirdt ïn disse dagen,  
Mear as ïn earder tiid, op alles hwet fatsoen,  
In tael en reden en ïn halden en ïn dragen  
Bitreft, mei search en smaek ïn alle stânnen sjoen.  
In hopen saken dy us alden hjar net skammen  
To neamen mei in wird dat elk bigripe koe,  
Dy neamt men nou net oars as mei forblomde nammen.  
Dêrîn, tinkt my, is 't nou al better wer as do.

Sjouke.

My klinkt dat taelgeknoei soms tige mâl ïn 'e earen.  
Men respecteert, negeert, feliceteert, blameert.  
In weerdshûs hjit hotel en 't iten hjit dreineeren.  
Ik hab sa 'n brike tael net ïn min jongkheid leard;  
Dy 's goed for ljuwe, dy nei freamdichheden siikje.  
Wy winskje elkoar sljuchtwei de segen en 't gelok;  
Mar poeremneitsers, lang sa snoad net as se likje,  
Dy sjiette mei sok ding allicht in groue bok.  
Ik hab ris immen heard, dy sei: »Ik filtereer je

Mei jou forjierdei!" En in oaren eamle wer  
By 'n steargefal, hiel smout: »Minhear, ik skand-  
lesear je  
Mei 't swier forlies!" — It is in apespil, sje der!  
Japik.

Sjouke.

De greateren geane foar mei sokke nyichheden,  
De borger en de boer dy folgje al gau dat nei,  
En yette lítser ljue binne ek net mear tofreden  
Mei 't alte sljucht en rjucht, mar dogge graech hwet  
mei.

Sa mingt men frânsk mei frîsk, ïn tael en ïn menearen,

Japik.

Dat 's wier; hwent elk haldt dôch sîn eigen plak en  
eare.

In hearskip en mefrou fen de alderheechste rang  
Matte ljue fen nûmer twa oeral de rêch takeare,  
En sokken binne wer fen noemer trye bang,  
Dy de omgong mye mat mei ljue fen nûmer fjouer.  
Sa giet dat fierder foart aan 't grien- en fiskwiif ta.  
In skearder en in skroar forachtsje in pakhüssjouer,  
En dy wol lang gjin dwaen mei 'n skirresliper ha  
Sa wirdt it minskdom hjir fordeeld in folle soarten,  
Oansjenlik en gering, heech, leech en earm en rîk.  
Hast krektlik as in iel tokerve in folle moaten.  
Sa binn' we elkoar gelik en ek wer ûngelik.

### Siouke.

Dat ha jy moai bitocht, dat 's aerlich torgelike;  
Hwent op ūs wide wrald is allerhanne skaei

Fen minskēn. Mar 't is wier: swart, wît en earm en rike,  
 't Is koeke, witje hwet, fen ien en 't selde daei.  
 De bêste moaten meye ïn bûter hearlik briede,  
 Wils 't kop en stirt-ein ïn de smoarge goate drjuwt,  
 'k Wol sizze: lit de rike 'm h̄jir fen de earme skiede,  
 Omdat er swietter râkt en helte fînder prjuwt:  
 Hja laeyen ienkear beide ïn rufsten h̄jir to sliopen;  
 Do hien' se gjin bigrip oer rïkdom, rang en ear.  
 En ienkear giet for beide ek grif de grefkûle iepen,  
 Den ha se gjin bigrip fen ear en oansjen mear.

## Japik.

Dat is wol wierheid; mar by de aldergreatste hearen,  
 Der fint men stellich dôch mear trochsicht en forstân  
 As sa by ūs. Hja dwaen hjar bêst om swiid to learen,  
 En skrippe jimmerwei ta lok fen folk en lân.  
 Hja witte hjar altiid fatsoenlik to formeitsen;  
 Al hwet se sizze komt grif altiid op 'e tiid,  
 Wils 't se altiid like nau oer al hjar gongen weitse.  
 En dêrom klinkt hjar deugd en greatheid wiid en siid.  
 In oarmans dwaen wirdt troch dy ljue net haetlik lekke,  
 Dêr benn' se fiers to knap en to fatsoenlik ta.  
 Hja wolle altiid ljeafst goed fen alle minskēn sprekke,  
 Omdat se in rjucht bigrip fen deugd en eare ha.

## Sjouke.

**As't wier wie, goede man! wy komme 't net to hearren.**

Hwet dêr sa daegliks bart; wy sjugge n't efter 't sket.  
 Hja blinke wol foar 't each fen fierren krekt as steerren,  
 Mar 'n open habbe 't ljocht dôch fen hjar eigen net.  
 Al heart men hjarren just net ragchen en net skelden.  
 Hja prijkje elkoarren as mei elsen, skerp en fin.  
 Hjar wirden, sa bislpe as finnich, dwaen net selden  
 In stille wirking as in langsum fûl fenin.  
 By ljuwe út slotten en by ljuwe fen de heide  
 Is fry hwet underskie in reden en bistek;  
 Mar ingels sûnder kwea dy finste net by beide.  
 Gjin stan, ho fin of grou, is sûnder lek en brek.

#### Japik.

Scoe 't net, tinct jo? Men scoe 't oars wrichtich al  
 hast leauie,  
 Sa ingelachtich moai wirdt in ús tiid de wrald.  
 't Is wûnder, ho de ljue tsjinwirdich preekje en skrjuwe,  
 En ho 't men 't goed en 't kwea elkoar foar eagen haldt.  
 It roue en 't rûge wei to skaefjen en to filjen,  
 Dat wol men mar, 't is fol fen folksforljochtery,  
 Mei nutten, sjongery, musik, komediespiljen,  
 En folksfoarlêzery docht ek er sines by.  
 En nei 'k er faek fen hear tsjinje al sok soart fen dingen  
 Ta heil en segen, en foarial om 't dom gemien  
 Fatsoen to learen en op 't rjuchte plak to bringen.  
 Nou, is dat wier, den wirdt der al in boel om dien.

## Sjouke.

Ja wrichtich ! mar ho mear fen sokke útflechtichheden,  
 Ho minder men yen haldt by eigen hûs en hird.  
 Hja siikje thûs faek net om deugd en goede seden,  
 Al is de baes op 't Nut oer sedichheid oan 't wird.  
 In eare en foetgestamp fint mannichien bihagen ;  
 Mar as 'k it wol ha , bringt it ek wol goeds fen 't  
 spoar.

Elk is net sterk enôch om lofspraek to fordragen.  
 't Is skea faek for yen sels , al baet it ek in oar.  
 Hwet nut en foardiel scoene ûs al dy dingen skinke?  
 It is om nocht to dwaen ; en dy der nut fen het,  
 Dat is de hospes , hwent men mat by alles drinke;  
 Ho fin biskaefd men wirdt , der bûten rôdt men 't net.

## Japik.

Mîn ginst noch ta ! den kin men alles lang net leauwe ,  
 Dat hear ik nou al wer. Mar wierheid is 't altiid :  
 It jild mat om 't bilang fen elk oan 't rôljen bljuwe.  
 Men kin hjir altiid ek net libje as hearremît.  
 De fammen kinne troch sok spil oan fryers reitse ,  
 En dat is for hjar sels en ek for oaren goed.  
 Men kin licht op sa 'n jûn mei immen kinnis meitse.  
 Dêr hwet út foart komt , dat faek oars net barre scoed.  
 In alder wol sîn bern ek ienkear wol ris slite ,  
 En dêrom matte se ek forskine in 't iepenbier :

Thûs dogge in hopen neat as tsiere en pronkje en ite.  
Dus is sa 'n gearset fen bilang, is 't oars net wier?

Sjouke.

Ja, 'k wit it wol, dou kinst it wûnder moai bilizze.  
't Is hjir op ierde sa mei alle dingen hast,  
Men kin der folle goeds en folle kwea fen sizze;  
Er elk praet sa it ïn sîn kreame 't bêste past.  
Trekskippers scille noait de stoomkreft nuttich fine,  
En gjin kastlein is foar de drankouskaffery.  
Sa lûke, ho 't ek rint, noait alle ljewe ien line;  
Dêr de iene skea fen het, dêr wint in oaren by.  
En skea en foardiel is op 't lêst, by alle saken,  
De greate drjuwfear, dy yen bringt ta foar of tsjin.  
Al witte in hopen sa to praten, dat men faken  
Gjin sprûtsel selsbilang dêrût fornemme kin.

Japik.

Scoe 't selsbilang de ljue by alle dingen liede?  
Den wirdt er sikerwier in bulte koal forkocht.  
Mar né, al kin me altiid it wiere en 't falske n't  
skiede,  
Sa slim as dou hab ik yet noait oer 't minskdom tocht.  
Men sjucht dôch daegliks ho 't forstân en goede seden  
Formearderje by elk: it folk wirdt kras en knap;  
Elk het sîn sinnen thûs by wirk en beuzichheden;  
Gjin ien docht hjir of dêr in gekke of dwaze stap.

De mânljue scille net in cint ânnut fortarre;  
 Hja sâpe en swetse n't mear âtlitten ïn 'e nacht.  
 De frouljue keapje neat of 't mei hjar ek wol barre;  
 Hja klaeye graech hjar kreas, mar haetsje oerdwealske  
pracht.

### Sjouke.

In hopen saken neamt men nou mei nye nammen;  
 Maltjirjen by de flesse is golle' frolikheid.  
 Rjue dingen, dy by alds gjin kristenminsk bitammen,  
 Binn' nou únskildich; hwent ût kleare humaniteit  
 Skikt me elkoar graech hwet ïn. It kin de bêste misse,  
 By 'n frolik selskip, dêr men nochlik drinkt en praet,  
 To reitsen oer sîn bier; mar 't jowt gjin ergernisse,  
 As 't frjûnebûn dêroer de ljeafdemantel spraet.  
 Us pake praette faek fen kwea en sûnde en skande;  
 Mar hy wier orthodoks; nei ús moderne lear  
 Binn' by biskaefde ljue dy worden kontrebande.  
 De sûnde is ût 'e wei en skande is neat hast mear.

### Japik.

Ei fy, sok nuver praet! hwer heste dat op munte?  
 Haldst mear fen 't orthodokse as fen humaniteit?  
 Elk het hjir ïn 'e wrald fen sels sîn swakke punten;  
 Mar ien dy dêr altiid it slimste ljeafst fen seit,  
 Dy mat him sels mar earst ris goed bisjen, scoe 'k  
sizze,

En docht er dat oprjucht, den haldt er grif de bek.

*Sjouke.*

Ik wol tsjin dy net mear to harrewarjen lizze,

Oars wird ik ek yet likl, en dat 's my fiers to gek.

*Hy giet ou.*

*Japik allinne.*

Nou snyt er út; hy kin him langer net forwarre.

Ik joech him dêr in streek, dy gîng him hwet to nei.

Hy kin dy bokken op sîn alde skoen mar smarre.

Mar wier 't gjin gekkepraet al hwet dy kerel sei?

Elk wit it ommers al sa lang by ûnderfining,

Dat folget immen hjir forkearde wegen nei,

Ut swakkens fen sîn flesk, út dwaesheid of forblining

Dêr wint er noait nin lok of wiere segen mei.

En dêrom scil men yen wol for 't forkearde mye;

Hwa set mei sûn forstânu hwet ûnforstânnichs út?

As we al ús kreftten hjir oan 't goede en 't wiere wye,

Den jout it ommers ek fen sels in goed bislût.

En as wy 't nye folgje of hingjen bljuwe oan 't alde,

En elk mient dat er neist oan de echte wierheid is:

As we alle dagen mar in goed gewisse halde,

Den binn' wy stellich noait net fier de planke mis.

## **Haitskemoais Klachten in de Winter.**

---

O fy, hwet is 't in bjuster tiid!

Men mat forlegen wirde.

It is sa kâld en 't friest sa swiid,

In minske kin 't net hirde.

O winter, mei dîn snie en froast,

Bljuw ljeaver wit ho fier om oast.

As ik it hie to witten

Hiest lang al ûs forlitten.

Hwent oeral hwer 't ik kom of gean

Waeit my de kjeld tomjritte.

Al sit men dâbbeld in 'e klean,

Forklûmje mat men yette.

De strijtten binne as tin sa glêd;

't Spant dat men 't sûnder fâllen rôdt.

En wol me er hwet bigjinne

't Friest alles om yen hinne.

En den sa 'n hûsfol greate bern,

Dy 't suver allegearre

Oan oar'ljues gûd mar nîget sjen  
 En nei gjin reden hearre.  
 Hja binn' sa bjuster glean en poer,  
 De holle liket hjar oerstjûr.  
 Dat tinct mar om oars nearne  
 As deis op 't iis om fleane.

It fragelearen giet foarby;  
 Hwa scoe nou leare kinne?  
 Bistindichheid is nearne by.  
 As se oan hjar hûswirk binne,  
 't Giet sunder oerliz en bistek;  
 Hwent de iene makket de oare gek.  
 As se oaren rideñ sjugge,  
 Den witt' se n't hwet se dogge.

De krante skoerre se ût elkoar  
 Om 't riders-nys to lêzen.  
 Moarns-ier healneaken bûten doar,  
 En het it hast net fêrzen,  
 Den flokke omdat hjar dat sa spît.  
 Omtinken ha se net in bît.  
 Né, sok unbîdich bearen,  
 't Is ommers net to hearen.

Us Trîn is nou al tritich jier,  
 Dy scoe 'k hwet oars ha wolle.  
 Mar se is fordeald de slimste fier.  
 Der komme om hjar net folle;  
 In sibbe fryer het se net.  
 'k Wol leauwe dat hjar dat fortret.  
 As sokke oer emis benne  
 Woll' se oeral by en hinne.

En Saep, dy greate wîldepûst  
 Is ek nin grevel better.  
 Dy rîdt nou mei dy grouwe knûst,  
 Dy soan fen Ulbe fretter.  
 Dat soartsje ha 'k it min op stean.  
 Hja lit him, hoopje 'k, gau wer gean.  
 Oars scoe 't my raer binye.  
 Ik mei dy snaek net lye.

Us Rein scil takomm' maeye oan 't wiif.  
 Hy docht ek neat as ridein.  
 Soms op in dei in ûre of fiif.  
 It folk oan beide siden  
 Wirdt oeral nou tolânne socht  
 En fen dat boaskjen tîding brocht.  
 Mar meast is 't — wol to witten!  
 Om hjar bisjen to litten.

Min jongste is nou in 't achtsiend komd.

Dy streupert fen in Doeke  
 Wol ek al witte, ha 'k fornomb,  
 Ho 't jonge fammen rûke.  
 Hy is oars sahwet sleau en slûch  
 En in sîn praten toar en droech.  
 Ik tocht, hy scoe net doare;  
 Mar dat is hird foroare.

Us Hessel sloopt sîn jonge lea.  
 Dy mat hwet hirder kinne;  
 Mar 'k frees hy docht him sels de dea,  
 Hwent hy wol prîzen winne.  
 Hy is al in 'e skrep moarns ier.  
 Mar 'k frees hy is omtrint sa fier  
 Om 'r ûnder to biswiken.  
 Hy fljucht him ut 'e liken.

My tinkt, forstânnich is dat net,  
 Howol se er faek mei piele,  
 As de iene minske er nocht oan het  
 Dat oaren hjar forniele,  
 Troch 't fûle fleanen op sa 'n baen.  
 De sommen dy se dêr oan jaen,  
 Dy koene se oars, scoe 'k telle,  
 Wol nuttiger bistelle.

It is der oeral deis to dwaen  
 Mei priisforrideryen;  
 En 't folk mat altiid op in baen  
 Om alles mei to kryen.  
 It wirk wirdt gau hwet dien mei lêst,  
 Den fitert elk mar wer sîn bêst  
 Om ïn 'e pronk to kommen.  
 Dat wirdt gjin dei forsumme.

Den tsiere en kweakje tsjin elkoar  
 Mei razen en mei bearen!  
 Nysgjirrich, dwers! en elk foar oar  
 Het meast to kommedearen.  
 Dy ropt: »Hwer is mîn skiere broek?“  
 Dy gûlt: »Hwer is mîn siden doek?“  
 En wiles mat 'k in trêdde  
 By 't mûtse-opsetten rêdde.

Den ropt er ien: »Hwet is 't wer stom!  
 Ik kin mîn das net fine.“  
 In oaren skoert ïn 't jernlaed om,  
 Dy mat sîn reed bibine.  
 In trêdde balt: »O dîvel, Trî!“  
 Dîn skûch tobarnt! in gat er ïn!“  
 »Nou, hwerom sette snachgel  
 Dy op 'e hjiitte kachgel?“ —

»Mar ik ha stompe redens, hear!

Ik mat se slîpje litte.”

Saep, hwer binn' nou mîn wanten wer?”

— »Och ju! mat ik dat witte?” —

Mîn teannen prikje my hast ôf,”

Ropt wer in oar en stampet yen doaf.

Sa'n libben om yen hinne:

Hwa scoe 't net graech ûntrinne?

En ik mat wiles ïn 'e war

Mei iten en mei drûken,

En den bitsjinnet elk him mar

Fen pikelflesk en skinke.

Den komme er ek yet freamden by;

't Binn' pearters for de fammen, dy

Matte ek op 'e azem sitte,

Oars koen' se 't slûpe litte.

En dêrmei strikt de kliber ôt,

En 't oar kin ik mei riede.

Den meitse 'k by my sels 't bislût,

Ik wol gjin iten siede,

Mar 'k nim it hjoed op mîn gemak.

Ik kry in brokjen bôlle strak,

Dêr kin 'k hjoed bêst mei hinne.

Hwet scoe 'k biskeuke allinne?

In fikse waerme stove gau  
 En 'k jaen my del te naeyen. —  
 Mar sjtch je wol! dêr komme in sjou  
 Us alde sleat op draeyen.  
 Dy skrasse tige njunkens 't hôf  
 En bine hjar by 't stalt er ôf. —  
 Mîn naeyen brui 'k er hinne;  
 Den kin 'k wer oars bigjinne.

Dat binn' den broers- of sistersbern  
 Of uterliker mîgen,  
 Dy scoene ris by moaike sjen. —  
 Ik siz mar sûnder lîgen,  
 Ik hie se den mar ljeaver net.  
 Den mat ik dalik wer to set  
 Om gau hwet klear to kryen.  
 Hawar! is dat gjin lyen?

Ho scil men den sa gau mei skik  
 Wer alles foar 'n oar stelle?  
 Den skrep ik my hast ût 'e mik,  
 Sa wirdt er skoerd en helle;  
 Den by de hird, dêr 'k swit en doch,  
 Den 't kalde sigrich hûs wer troch.  
 Den reitse 'k ût 'e liken  
 For trye, fjouwer wiken.

Nei iten dalik mar wer foart;

Den oars yet earne hinne.

»It iis is moai, de dagen koart,

En nou 't wy ride kinne,

Nou nimme we ek ûs wille er mei.

Nou moaike, sündheid en goen dei!

Kom ek ris as jy kinne.” —

Dêr flucht de boel wer hinne.

Sa giet it hast om oarde dei.

It is gjin spil mei eare.

As 't oanhaldt ha 'k it skilicke wei;

Ik kin dat net forneare.

't Is as ik soms de jicht al merk.

In lâd ha 'k as in férzen eark,

En 'k hab to nacht al hoaste

As woe my alles barste.

Den kry ik jâns mîn bringst wer thûs;

Den wer it hûs in touwen.

Den sljiprich, húvrich en in 't krûs!

Sa sit dat hjir te skrouwen.

Dy foel him sear, dy is sa stiif,

En dy het skossen iis in 't liif,

Dy het it in 'e holle:

Mar 't wirk het elk tofolle.

En binn' se 'n bitsje wer by 't stik,  
 Den giet it op in sprekken.  
 Den roppe se allegearre: skrik!  
 En narjen, gek-oanstekken  
 Dat komt der throcgeans ek a by.  
 Nou, hwet gedoch is dat for my?  
 Jâns wol 'k oars graech hwet lêze,  
 Mar 'k lit it den mar wêze.

Thûs kinn' se in hopen spil útjaen  
 Om fry fen wirk to kommen.  
 Mar bûten op 'e glêdde baen  
 Ha 'k noait der fen fornommen  
 Dat ien fen hjarren mudzich wier.  
 Hja slepe frouljue great en swier,  
 Dy 't kwalik ride kenne,  
 Hwa wit hwer earne hinne.

Dy feinten binn' net felle wiis.  
 Dy fammen habbe knepen;  
 Hja binne wakker njût oer iis,  
 Ha se ien om hjar to slepe.  
 En is de glêdde baen wer wei,  
 Den ha se faek de gek er mei,  
 En litt' de fryers rinne  
 Dy 't nou hjar lûkers binne.

Soms heale nachten dünsje en dwaen  
 En krekt as baergen switte;  
 Den in 'e kjeld wer op in baen  
 En hjar bifinge litte;  
 Dêr lye se as in putheak fen. —  
 Gjin minske kin der ommers tsjin.  
 'k Leau siker, hja forniele  
 Hjar ligchem en hjar siele.

De drank dy mat der ek by lâns;  
 En krye er gûds te folle,  
 Dy wrokje en habbe op bruyen kåns,  
 Om't se oars as oaren wolle.  
 Den slaen se er mei de rédens ïn,  
 Elkoaren bûnt en blau en blîn.  
 En dat scil den ek yette  
 Plesier en wille h jitte.

Dat kin soms alderfreeslikst gean.  
 Hja witte fen gjin myen,  
 Forskoerre elkoar de skoander klean,  
 Mei bruyen, smiten, snyen.  
 It goud en silver somtiids wei;  
 Mar dêr wirdt ïn 'e h jitte hei  
 Oer mîmre noch nei frege:  
 Hja matte elkoar mar fege.

Sûphalzen binne 't, troch 'e bank,

Dy 't spil ïn ânstjûr jeye.

Dat is in freeslik gûd, dy drank;

Ik wit net ho 't se 't meye.

Al is in minske flink en sûn,

Hy wirdt der siik fen as in hûn.

Koe 'k alles stjûre en liede,

Ik scoe dy drank forbiede.

Ik bin den altiid yet mar bly

As 'k mines allegearre

Wer heel en feardich binnen kry.

Men kin der raer fen hearre,

Hwet rampen soms dat rideń brout.

Ja, as men goed yen dêr ïn jowt

Ho faei se faken binne,

't Giet yen troch alles hinne.

Den heakje se elkoar ïn 'e reed

En fâlle dat se stinne.

Ho mannich-iен moast oan sa 'n smeet

For altiid kreupel rinne!

Hja bliede soms hjar amper dea.

It gûd oan flarden! hwet in skea!

Den rûngear ïn 'e slide

En sa nei hûs ta ride.

In minske is oars fen dea sa fy,  
 Graech woe 'r hjir altiid bljuwe.  
 Mar winters mei dy ridery  
 Den scoe men dat net leauwe.  
 Wirdt den dat eintsje libben net  
 Soms freeslik ïn 'e weachskeal set  
 En rokkeloas forkoarte ?  
 Der wirdt mei 't libben boarte!

Mar as ik dat mîn bern al siz,  
 Dat slaen se hwet om 'e earen.  
 Hja binn' foarsichtich tûk en wis,  
 En fen hjar mem to learen  
 Dat is hjar ommers fiers to min.  
 Mar skoan ik neat bigjinne kin  
 Om hjar for 't unk to hoeden,  
 'k Bin faek ïn tûzen noeden.

It jild! dêr komt it ek op oan,  
 En dêr mat ik for riede.  
 Ik kin mar ûtpûlje; elke moarn  
 Mat wer mîn ponge bliede.  
 Hja tarre stellich ek om raek,  
 Oars hoefde 't ommers net sa faek.  
 Dat giet mar alle jûnen  
 Hwet is den twyntich gâne.

En wier 'k er mei hwet búsjild ou

En hwet se nedich binne

Oan leargûd en oan bân en tou,

Den bruide 't yette hinne.

Mar oele! 't bljuwt dêr lang net by.

Gjin ien kin tinke ho 't se my

Om alderhanne dingen

Net freegje, né, mar twinge.

Dy is oan nye rédens ta;

Dy oan in pelterine.

Dy mat hwet moayer wanten ha.

Elk kin wol sahwet fine.

Dy het gjin winterpet nei 't sin,

In oaren bin sîn skoen to min.

It is oer alles hinne

Hwet se al net nedich binne.

In tsjûkke wollen das is net

For mânljue mear to brûken,

Hwent nei de nye modewet

Draecht elk nou bûnte doecken.

De pipe-reauwen bljuwe thûs;

De knipdoas mat nou ïn 'e búš

Mei stjonkende sigaren.

Hwet ha se in freamde snaren!

De fammen sette 't spil der foar  
 Krekt as se jiffers binne.  
 Dat pronkjen giet mar tsjin elkoar,  
 Mar 't kin sa nearne hinne.  
 As 't bûrkjen net hwet better wol  
 Hald ik it sa net langer fol.  
 Hja kinne 't nou fortarre,  
 Hast hirder as we 't barre.

En siz ik dêr in wirmsje fen,  
 Den kin 'k to halden krye,  
 Dat ik to fûl en earnich bin.  
 Hja miene 't kin wol lye.  
 Mar hie 'k in molkentine fol  
 Hja fûnen yet de boayem wol.  
 De frucht fen al mîn sparjen  
 Giet foart mei hjar malfarjen.

En dat wirdt mar forsupt en dien,  
 Fordûnse, ja, forsmiten.  
 Bitinkt men den ho mannich-iен  
 Brek lydt oan brânje en iten,  
 Den kin 't foarsiker net bistean  
 Sa mâl mei 't jild to wirk to gean,  
 Mei allerhanne flinken  
 En sündere nei to tinken.

En scill' se de earmen, dy de baen  
 For hjar ïn oarder bringe,  
 Fen al dat jild in cint twa jaen,  
 Den matt' se er hjar ta twinge.  
 En komme hja dy ljue foarby  
 Mei lîgen en bidraeyery,  
 Den kinn' se er yet om gnîze.  
 Dat kin my wol oan grîze.

Hwent alles is tsjinwirdich djûr,  
 En den dy winter yette!  
 Het nimmen neat for sokken oer,  
 Dy 't ïn 'e krapte sitte,  
 Den komme er moglik wol gûds om.  
 O jimme! dy sa rïnsk en rûm  
 Mei 't jild omsmite kinne:  
 Smît dêr den ek hwet hinne.

Ik hab ek jong en frolik wêst,  
 Do wier ik licht neat better;  
 Mar 'k sjuch it nou en 'k leau it fêst,  
 As mannich minske letter  
 It gekke fen dy dingen fielt,  
 Bisout er oer dy tiid en 't jild,  
 Sa los en wild forspille,  
 Krekt as er sinloas dwille.

Ik hab er just gjin nîget oan,  
 Mar kin 't dôch ek net priisje,  
 Dat sa de jonkheid wirdt fordoarn  
     Wils 't se om ûs reden gijsje.  
 Ho mannich dy 't net barre mei  
 Om letter op 'e libbenswei  
     Oer al dy dwaze flinken  
 Ris earnstich nei to tinken.

Mar och, al praet ik jimmerwei,  
     Hwa scoe der swier oer tille?  
 Hja folgje mar de skeane wei  
     Fen eigen sin en wille.  
 Ik wol mar hoopje dat mîn bern  
 Yet mei de tiid hjar dommens sjen,  
     En better dingen leare  
     En libje ïn deugd en eare.

Mar winter mei dîn snie en froast,  
     Dou bist for my sa lêstich;  
 Och kroaskje mar hwer op nei 't oast,  
     Den kry 'k it wer hwet rêtstich.  
 Mar earder kin 'k gjin útwei sjen  
 Oan 't wîld gefiter fen mîn bern,  
     Dat op mîn alte dagen  
     Biswierlik is to dragen.

## It Geheim in de Bôllekoer.

---

Kranten wirde er tsjinwirdich in danich bulte skreaun, dy ûs in hopen nys oanbringe en de skjuwers en printers in aerlich stûrke jild. De iene skimpt en de oare flaeit, en soms lige se dat it barst. Men kin de kranten ek oeral ta brûke, langer. In fryer, dy by de fammen net rjucht slachs wirde kin, lit it mar in 'e krante sette, dat er graech in wiif ha wol. In troud man set, by gelegenheid dat er ien mear ta sîn kaptael krike het, in de krante, dat er sîn wiif tige ljear het. Handwirks-ljue, kinsteners, âtfiners fen hwet nys brûke de kranten ta 't selde wît as de kwaksalvers in foarige dagen hanswoarsten brûkten, namelik, om mei pochgen en blazen eare en foardeel to biheljen. Dy in pik op elkoar habbe, kinne elkoar in de krante ûtrachge en skelde krekt as se gjin turf heech binne: mits in fetsoenlike worden en in goede hollanske stil. (!): Oars scoene se ommers tofolle mei de fiskwiven allik stean. 't Is in ald frîsk sprekwird: »Dy sîn eare by de strjitte lâns siikje mat, is als lêst." — Mar nou, as de iene de oare hwet to nei komt, den siikje se hjar eare just

net by de strjitte lâns, mar wol troch it hele lân, troch middel fen de krante. Den komme der *schuldbekentenissen* en *wederroepingen* mei folle omslach fen wirden ïn de krante.

Lîkwol bart er ek yet al in hele bulte dat net ïn 'e krante komt; foarearst omdat folle dingen net noch om 'e hakken habbe, om skrean en printe to wirden, en oard, om 't se faek ek gjin ljocht fordrage kinne, Mar 't úntbrekt dêrom net oan gelegenheid om sokke dingen ek wralddkindich to meitsen. Under de greate mannichte fen middels, dy dêrta tsjinstich wêze kinne, stel ik mar ris ïn de earste pleats thémarsen en bôllekoerren, of ljeaver de ljue dy dêrmei by de boerren lâns sjoue. Dat sokke ljue trochstrings tige hwet mansk binne ïn de kinst fen rabjen en kweasprekken, scil elk tastimme matte; mar 't is ek wier, dat se 't sa fier ïn 'e kinst net bringe scoene, as se fen de ljue, dêr se by komme, net tige foart holpen waerden. De measte minsken hearre ljeaver kwea fen in oar sprekken as goed, en den wirde de bôlrinsters en sokke ljue al gau ris oer 't ien ef 't oar úttante en oan 'e gong holpen. En om 't it dy minsken om fortjinjen to dwaen is en hja wol bigripe, dat se mei hwet nys in hele bulte ginst winne kinne, litte se den ek meastentiids de tonge mar ris tige los. Sa folle as se 't roaye

kinne, prate se de ljue, dêr se by binne, nei 'tsin en faek  
în 't iene hûs rjucht oars as în 't oare.

Dêr hiene jimme Jetskemoai ek. Dy hie al forskate jierren mei de bôllekoerren roan, en as se nou ek, lîk as de minsken wol seine, op de bôllekoerren de dik lâns ride koe, as se jûns hwet let în 'e baen wier, dat wit ik net for fêst. Mar dat se fiks fen de tong-rime snyd wier, dat wit ik safolle to better. As de ljue hjar in bîtsje letten en setten, den hie Jetskemoai altiid wol tiid to praten; den gîng se de hele bûrren sahwet troch en rattele mar oan ien wei. Lîkwol sei se omtrint om 't oarde wird:  
 »It is mîn föech net om folle to praten; mîn foet stiet ûnder allemans tafel."

By dominys jiffrou wier Jetskemoai ek wakker great. Snjûntomoarns om alve en toalven makke se altiid dat se dêr wier; den hie jiffrou de koffy klear en den kocht se hwet bôltsjes fen Jetskemoai. Den krige Jetskemoai hwet koffy mei in bôltsje en den woe jiffrou graech hwet nys wite. Nou, Jetskemoai woe wol op-dokke. Dingen dy 't in oar to raer wieren om oan sa'n minske as jiffrou to fortellen, dy flapte Jetskemoai der út. De alte wist al by ûnderfining, dat jiffrou er sa ôfkearich net fen wier, om ek ris hwet raers to hearren. Den gîng de mûle hjar as in Lazarusklap; it iene staeltsje út en 't oare în. Oer de fryery

fen 't jongfolk; oer koffydrinkeryen en oansetten, oer jonge wîven dy nei de *Walden* moasten; oer troude ljue dy net bêst mei 'n oar koene; oer manljue dy oan 'e drank wieren of great mei oare frouljue; oer ljue dy to slof en to ry wieren of to folle pronken; oer gûds dy 't efterût gîng; oer boeren dy gjin boaden halde koene, oer boerefeinten dy to lui wieren, oer boerefammen dy hjar trouwe hinnen net halde koene: koartom, oer alles hwet forkeard en ûndogens wier praette Jetskemoai. Hja sei den al wer ris: »It is mîn fôech net om folle to praten, mîn foet stiet ûnder allemans tafel" — en den liet se earst ris in bîtsje fen in ding út, njunkelitsen al ris hwet mear, en op 't lêst rôlle alles er út hwet se mar wiste.

Jiffrou hie dêr in danigen nocht oan, mar dominy den den oars net. Hy siet snjûntomorns altiid op 'e studearkeamer. Dêr koed er Jetskemoai wol kweakjen hearre, hwent hja praette ek net bare seaft. Dat wier hinderlik for de man in 't studearjen, en bûten dat tocht er: »By uzers rânselt se in oar ôf, by in oar scille wy ûs part wol krye." Dat brocht er jiffrou ek wol ûnder 't each en rette hjar om Jetskemoai sa folle net oan to halden. Mar jiffrou wier der al to folle oan wend om it to foroarjen, en dominy — gjin ful man út sîn aerd — woe der gjin ûnienichheid om meitse. Dêrtroch gîng it sa hinne.

Mar ienkear op in snjûn like dominy hwet al to folle it ear nei Jetskemoai hingje littin to habben. Do er de jâns sîn preek oerseach ântdiek er dat er dêr by forsin ïn set hie: »It is mîn fôech net om folle to praten." Do waerd er nidich en hy sei: »Lit dat ald wiif hjir ris wer komme, den scil ik hjar to reden stean."

Nou trof it sa moai, dat er him krekt dy wiks in gelegenheid oan 'e hân jowch, hwêrtroch dominy ïn steat wier om Jetskemoai hjar stilswyendheid ris moai to lotterjen.

De snjûntomoarns dêr-oan siet er foar 't finster op 'e loer, en do er Jetskemoai oankommen seach, makke hy dat er riklik sa gau by de foardoar wier as hja. Hy gîng midden ïn 't kozîn stean om, sa beare, nei de loft to sjen.

»Moarn dominy! noch goed?" sei Jetskemoai.

»Moarn Jetskemoai! Ik bin fiks sûn, ho giet it mei jo?"

»Dat kin al ridlik komme, dominy!"

Mear sei Jetskemoai net, mar trape wakker hinne en wer en seach dominy ûnder de earmen throch ïn de gong op, krekt as se sizze woe: »Ik woe wol dominy, dat je dêr mar wei gingin; ik woed er wol ïn."

Mar domeny sei: »Hark ris Jetskemoai! jy moasten nou egenlik mar net ïn 'e hûs: it is tsjinwirdich hwet oars as oars, by uzers."

Jetskemoai harke rare ny op. »Ho nou, dominy?" sei se forheard, »het jiffrou den altomets hwet ûnder de lea?"

»Né, né!" sei domeny, »jiffrou is bêst op 'e stap. It is heel hwet oars."

»Mar it is gjin slimmens, scoe men hoopje!"

»Hark ris, Jetskemoai! ik wol jo wol sizze hwet it is, omdat jy sa goed mei ús bikind binne. Mar den matte jy foaral en biljeaven swye!"

»Fen sels, dominy, fen sels! Jy bigripe wol, it is mîn fôech net om folle to praten; mîn foet stiet ûnder allemans tafel. Dy sa lîk as ik by alderhanne minskens komt, heart en sjucht ek wol ris hwet, dat sprekt fen sels. As men den net swye koene den scoene se yen gau skouderje."

»Nou," sei domeny, »dêrom bitrou ik it jo ek wol ta; hwent as 't op in baen kaem, den wie der gjin rie op 'e wrald ta. Dus pas op, Jetskemoai, pas op! en lit er tsjin nimmen in inkeld wird fen út."

»Né, der is neat to dwaen, mîn ljeave man, der is neat to dwaen! Ik bin sa ticht as in kanne, al siz ik it sels."

»Nou Jetskemoai den scil ik it jo sizze: — Hja habbe my in jonge stiûrd!"

Dêr waerd Jetskemoai oars fen. »In jonge stjûrd, dominy?"

»Ja Jetskemoai, sa is 't!" sei dominy, altiid allike stimmich. »Mar nou siz ik jo yet ris: pas op, en swy! — Nou, Jetskemoai, it bêste en goê moarn!"

Dêrop flapte dominy de doar ta, en Jetskemoai koe werom kroadsje. Mar al hie se gjin koffy mei in bôltsje hawn, hja hie dôch it liif al fol fen dat rare nys, dat dominy hjar trochdien hie. De lea staetten hjar oan, sa wier se fen hjar saken It boerwiif dêr se, fen dominys ôf, earst by kaem, koe 't yet wol oan hjar sjen.

»Ho is 't Jetskemoai, sei dy, »binn' jy net rjucht to pas?"

»Ja," sei Jetskemoai mei in swiere sucht, »ik bin bêst ïn oarder, mar!" . . . .

»Nou, hwet *mar?*" sei 't wifke, »is der jo den hwet freamds bijegene?"

»Nou, dat is der lang net fry fen!"

»Fy, jy meitse my ûngemaklik. Mei 'k ek witte hwet er pleats hawn het?"

»Ik moast swye; dat is my hird oplein."

»Non, den is 't hwet oars, dat is ten sels. It kin my for sa fier ek neat skele; mar wy prate den oars wol ris mear hwet mei 'n oar; jy binne sa wiis wol, hwet jy hjir sizze, det bljuwt hjir ek."

Dat wifke praette sa lang en sa moai om 'ekant, dat op 't lêst krige Jetskemoai sa'n persing tsjin

'e kiel oan, dat it wier hjar net mear dwaenlik om it geheim by hjar to halden; hja flapte 't er ût. En do de kôegel troch de tsjerke wier, do gîng it op in swarren en bearen, by heech en by leech, fen: swye! swye! — Nou ja, dat scoe dat wîfke wol dwaen, dat wier fen sels.

Mar as Jetskemoai nou ïn mear huzen hjar bilofte oan dominy forbriek, of as dat earste bûrwiif ûntrou handele, dat kin 'k for fêst net sizze: ik rekkenje mar, fen beiden hwet. Alteas de selde snjûntojuâns gîng it al as diggelfjûr de bûrren troch, dat »er wier dominy in jonge stjûrd!"

Der wieren inkelden dy woene 't net leauwe, mar fierwei de measten woe 't wol oan.

De iene sei: »Nou kom ik to minsten noait wer ïn 'e tsjerke."

De oare sei: »It mat oanbrocht wirde! Scil sa'n ien ús hjir de wei wize?"

Koart-om, it wier as de bûrren spoude.

Mar nimmen krige der mear spil mei as Doede Hofker. Hy wier aldste alderling en elk dy him seach bigûn er tsjin him oer.

»Jy matte nei dominy ta, en ûndersteaan him dêris oer," sei de iene.

»Jy matte 't foar de klassis bringe!" sei de oare.

Mar Doede wier just gjin man fen trochbiten. Hy

makke him er sa hwet ôf. Do se mei him neat wirde koene bigânen se tsjin sîn wiif. Hja gîng er for dat se tige bilêzen wier, dêrom moast se ek sa wiis weze, dat in gemeinte nin dominy ha koe, dêr sokke dingen fen op in baen kamen. Dat die fortuten. Hja tûteren dat wiif sa lang ïn de earen, dat hja rekke tsjin Doede oan. Hy moast mar eerst ris nei dominy ta, tocht hjar, en sjenne ris ho de foarke ïn de stâlle siet, en prate der ris mei him oer, hwer in gemeinte bidarje scoe, dêr de foargonger sokke dingen die. Mar Doede hie dêr heel gjin loer oan.

»Ik bin net kindiger nôch, om mei sa'n man to praten," sei er. »Hy het lang studearre, hy is op fjouweren bislein. As men tsjin sokke ljue bigjint, den tsjinnet it ek hwet op foetten del to kommen, en dêr hab ik gjin slach fen."

»Gekkepraet!" sei 't wiif. »Dêr is sa folle kinde net ta nedich; dou mast mar sizze dêr 't op stiet. Ast dou dêr sneins al ïn 't hek sitste, mei in hele bulte pohei ïn dat greate bôek om to blêdsjen, en ast nou en den al permanich nei dominy ta stapste to thé-drinken, en dêr út in lange piip foar de graete ruten sitste to smoken: dat docht allegearre neat ôf. It komt er nou ris op oan om din plak als alderling skien te meitsen,"

»Ja, mar den moast ik din breinkas en din tonge mei krye kinne."

Dat koe, fen sels, net wirkte. Mar 't wiif krigé  
 him doch sa fier, dat it scoed er den wol ta komme  
 matte; mar den woed er Lolle-boer ek mei ha; dy  
 wier de twade alderling. De sneintomoarns paste Lîs  
 op Lolle-boer, en do se him in 'e bûrren kommen  
 seach rôp se him aan en sei him hwet er aan 'e hân  
 wier. En do tochte Lîs, hja moasten foar tsjerktiid yet  
 mar nei dominy ta.

Lolle-boer sei: »Nou, ik kin dêr wol mei hinne  
 rinne, mar Doede is de aldste; hy mat de foarstap  
 ha en 't wird dwaen.”

Doede prætte oars ek al, it koe wol aan de jüns  
 ta wachtsje; mar Lîs fitere mar aan. Hja sei, as 't  
 sa slim wier as de ljue seyen, den moasten se dominy  
 egentlik net ienris mear op 'e preekstoel gean litte.

De twa mannen rekken op 'e stap nei de pas-  
 torye. Lolle-boer paste op dat er de efterste bleau;  
 Doede skille aan. De faem die de doar iepen.

»Moarn dominy!” sei Doede en lichte de hoed  
 mei safolle geweld, dat de faem in pomp tsjin 't  
 boarst aan krigé.

Hja moasten mar in komme. Dominy wier skraech  
 ré om nei tsjerke. Hy wier tige frjûnlîk, sette hjar  
 elk in stoel en jowch hjar pîpen en tabak. Mar né,  
 hja scoene mar net oanstekke. Dominy sei, hja koene  
 foar tsjerktiid yet wol in súchje ha; do namen se

de pîpen den ek oan. Mar do Doede stopje scoe,  
knoffele er de piip stikken. Dominy scoe in oaren  
krye, mar Doede sei: »Né dominy, it hôeft net! Ik  
wol net stopje. Jy binne sa'n knap man net!"

Ho nou, Doede," sei dominy, binn' je net rjucht  
op my to freden?"

Dêr binne wol reden for," sei Doede wer; »binne  
jy ek in man?"

»Dêr klæei ik my to minsten for," sei dominy  
laeitsende.

»Ja, mar der komme rare dingen fen jo oer de  
bûrren. En nou fûn ik my, as aldste alderling,  
forplichte, om út namme fen de gemeinte, dêr ris  
mei jo oer to praten."

Do er dat sein hie fage er him it swit fen de  
foarholle en seach Lolle-boer ris oan, krekt as  
er sizze woe: »Dou sitst dêr mar mei de mûle fol  
tosken! siz ek ris hwet."

»En hwet rare dingen binne dat?" frege dominy.

»Sa raer wol as 't kin," andere Doede. »Hja sizze,  
dêr is jo in jonge stjûrd."

»Ja, dat is ek wier," sei dominy, en bleau allike  
gol. »Mar is dat nou sa raer?"

»Ja, is dat net raer? Dêr binne jy wis de faer fen."

»Dat ha jy skraech goed" sei dominy; »ik bin  
sîn omke. Jimme kinne him wol ris komme to sjen.

»Piter, kom hjir ris!" rôp domeny troch de keamersdoar.

Dêr mei kaem er in jonge foar 't ljocht fen in jier of toalf.

Dit is mîn sisterssoan," sei dominy. »Dy habbe se forline wike my tastjûrâ om him lês ïn freamde talen to jaen; hwent hja wolle him ïn forfolch fen tiid ta dokter leare litte."

Do forhelle dominy oan de alderlingen ho er 't hawn, hie mei Jetskemoai. Hy winske hjar dêrby ta, dat se út dit foarfal leare mochten, foarearst: der gjin wille ïn to skeppen, om kwea fen in oar to sprekk'en en oard: om in oar sîn dwaen en litten net op 'e forkearde, mar altiid op 'e bêste side oan to sjen, om 't men meastentiids net wit, hwet omstandichheiden him bistjûre, en men him dêrom licht forkeard bioardeelje kin.

De alderlingen namen dat ïn tank oan. Hja wieren bliid dat it sa útkaem, en gîngen wol to moed mei dominy nei tsjerke.

Jetskemoai rekke troch dy set by de measte ljue fry hwet in takje tobek. By dominys — ja, dêr forkocht se yet al, mar hja kaem net mear ïn 'e hûs om de koffy mei in bôltsje op to nimmen. Jiffrou wieren de eagen ek iepen komd.

---

## Boeren en Abbekaten.

---

Lîs Koal, in frominsk jong en flink,  
Mar 'n bern fen arbeidsminsker,  
Dy kaem to trouwen mei boer Mink.  
Alheel nei sin en winsken  
Just net. Hwent hied er jild en lân,  
Hy wier net foarlik mei 't forstân,  
Tominsten nei sîn jierren.  
Hy krige al grîze hierren.

Hja wier twa- trye-en-twintich jier  
En hy al acht-en-fjirtich.  
Sa hie hjar houlik, siker wier,  
Wol hwet fen sjerp en yettich.  
Al hie se rûmt, hwet jowch hjar dat?  
Hy wier in alte gnoarrepot;  
Koartkearich en nysgjirrich  
En bare fûl en gjirrich.

Sa 'n libben en sa jong! o fy!  
Dat wier al hwet to sizzen.  
Ja, — mar mei trye jier kaem hy

De holle del to lizzen.  
 En Lîs, dy 't ridlik gochem wie,  
 Hie de alde, ear 't er 't oulein hie,  
 Oan 't testamintsjen krike,  
 For hjar bilang mar tige.

Hja hie gjin bern; mar hwet der wie  
 Dat koe se allinne halde.  
 It folk, dat lang al gobbre hie  
 Op 't erfskip fen hjar alde,  
 Wier kûgels, bjuster, alhiel mâl.  
 Mar 't holp hjar neat, al drîgen se al  
 Mei rjuchtsjen en mei pleitsjen,  
 It wier net oars to meitsen.

Lîs wier der aerdich ût. Hja tocht,  
 Nou kin 'k fen nys bigjinne.  
 Jan, dy 't foarhinne om hjar bisocht,  
 En nou krekt by hjar wenne  
 For feint, — waerd ridlik gau hjar man.  
 Hy wier in goede bêste Jan.  
 En for de boerkerye  
 Koe Lîs wol minder krye.

De telegraef hie 'r net bitocht,  
 Ek wie 'r gjin skriftgelearde.

Dy 't soks hwet ïn Jan Nyboer socht  
 Kaem by in glêd forkearde.  
 Mar boerkjen! — boerkjen wier sîn stik.  
 En Lîs wier bêst mei Jan ïn 't skik.  
 Sa koen dy ljuwe op ierde  
 In lokkich libben liede.

As 't drok wier mei de kiezery,  
 Dêroer briek Jan gjin holle.  
 Hwent sels mei ïn 't bistjûr scoe hy  
 Net kinne en ek net wolle.  
 Nou, dat er minder wille hie  
 Omdat er koel der ânder wie,  
 Dat kin gjin ien biwize,  
 Al wirdt it just net prîze.

Sa gingen der in jier of fiif  
 In nocht en wille hinne.  
 Do kaem 't wer oars. Do stoar sîn wiif.  
 Mar Jan bleau net allinne;  
 In jonge hie 'r, in flinke soan.  
 Dér hied er aerlich oanhald oan.  
 Dy waerd sîn treast en stipe,  
 Dat kin me licht bigripe.

Mar bjuster wier 't, ho dealse gau

Do Mink-omme erfgenamen  
 As roeken op in deade kou  
 Op Jan tasetten kamen.  
 Hja stjûrden him in kearel ta,  
 Dy 't stiennen bekje koe aan twa.  
 Dat wier in saekwaernimmer;  
 Gjin fulder en gjin slimmer.

Hy koe tsjin Jan mei rjucht en wet  
 Wol net in bit bigjinne;  
 Mar Jan wist fen dy dingen net.  
 Licht scoe 't ris slagje kinne  
 Him bang to kryen en sa fier,  
 Dat 'r op in seegle stik pompier  
 Sîn namme kattemâlle.  
 Den hien se 'm ïn 'e fâlle.

Hy praette Jan fen alles foar  
 En leach mar as in wachter.  
 As bygeliks Jan sels ris stoar  
 Den wier sîn jonge er efter,  
 Omdat er den neat halde scoe.  
 As Jan nou ou-akkoartsje woe  
 For 'n ridlik goede somme,  
 Den koed er dat foarkomme.

Ien foarrjucht habbe domme ljuw  
 Meast fen natûr al krike:  
 Hja litte, hwet se ha, net gau  
 Wer los, mar halde 't tige.  
 Jan wier in ienen net bipraet.  
 Hy tocht, ik gean nei 'n abbekaet,  
 Dy kin 't my fêst wol sizze  
 Ho 't sokke dingen lizze.

Mei Hospes Jelke Flegel hie 'r  
 Ris wêst by Judas Njirre,  
 Dy 't tige knap in 't praten wier  
 En finnich as in skjirre.  
 Rjuw saken, dêr 't in oar neat mear  
 Mei koe, dy krike hy wol klear,  
 Om 't hy troch gatten krûpte  
 Dêr 'n oar oer hinne strûpte.

Jan teach nei Leauerd op in freed  
 Mei frjûnen op 'e side,  
 Dy 't helpe kinne in alle need  
 En folle kwea bistride;  
 Dêr 't elk for rint en draeft, as 't mat,  
 En knopedraeit en plastersmart,  
 Ja, fljucht oer alles hinne,  
 Ho hird en kald se ek binne.      5

Ik mien mar, Janboer hie in raem  
 Dien in 't riksdaelderlaedsje.  
 En do 'r by Judas Njirre kaem  
 Sloech dy op 't boerepraetsje,  
 Wol acht. Hy seach ho let as 't wie  
 Do 't Jan earbiedich foar him stie,  
 Sa min of mear forlegen,  
 Krekt as er 'n jefte frege.

» Ik kom by jo om rie minhear  
 En 'k wol jo goed bitelje.  
 Ik scil jo gau ris koart en klear  
 De hele saek forhelje.  
 Ik bin der glêd forlegen mei,  
 En 'k tink sa 't dokter Baltes sei:  
 't Is better gau to kleyen  
 As lang fortriet to lyen.

» k Bin widner en ik hab in soan.  
 Sîn memme erfenisze,  
 Sa prate my de minsken oan,  
 Mat hy wollicht wer misse.  
 't Is goed fen Lîs hjar earste man.  
 Haldt Klaes dêr net in grevel fan,  
 As ik ris kom to stjerren?  
 Dat sizze se allegearre.

»Scoe ik de boel mîn jonge net  
 Ta-testamintsje kinne?  
 Ho fier as krekt, nei rjucht en wet,  
 Sok soart fen dingen rinne,  
 Dat is 't hwet 'k fen jo witte woe.  
 Der waerd my sein, minhear dy scoe  
 't My wol forklearje kinne,  
 En dêrom gîng 'k hjir hinne.

»Om nei in healen ien to gean,  
 Dat like my net goed ta.  
 Né, om in stûr twa heger lean  
 Wol 'k lang gjin soarge en noed ha;  
 Den waerd allicht de skea to great.  
 Minhear hie tige lang studeard,  
 Forhellen my de ljuwe,  
 Dêr koe 'k mar op fortrouwe."

Minhear dy seach sa earnstich, dat!  
 Hy like in nîtlich bolle.  
 Jan tocht, hwet het sa'n man in skat  
 Fen wijsheid ïn 'e holle.  
 't Benaude swit dat briek him út,  
 Sa eangstich wachte er op 't bislût.  
 Hy tocht, ho wol 't biteare?  
 Forgees nei hûs ta keare?

Mar einlings, ja, do sei mînhear:

›Goefrjân, ik mat jo sizze,  
 't Is fen mîn libben de earste kear  
 Dat sok in saek as disse  
 My foarlein wirdt. Om dalik mar  
 To sizzen ho dat sit, — hawar!  
 Dat doar ik net bislissem,  
 It mocht my yet ris misse.

›In hele bulte, siz ik jo,  
 Dy 't ek wetkindich h jitte,  
 Dy scoene ût kleare greatskens gau  
 Hjar oardeel hearre litte.  
 Dat liket den geleard en wiis;  
 Mar ik kom ljeafst bislein op 't iis.  
 Sa haestich to bisluten  
 Docht trochgeans gjin fortuten.

›Ik lit jo diss' kear ljeaver gean.  
 Dy trye greate boeken,  
 Dy 't op dy heechste planke stean,  
 Der is hwet ût to lûken;  
 Dy wol 'k yet troch-studearje. — Kom  
 Mei trye dagen mar werom,  
 Den scil 'k jo hearre litte  
 Krekt ho 't jou saken sitte.

»Mar wit je hwet needsaeklik is?

In steat fen inventaris

Dy mat jy ha; hwent ik leau wis

Wol dat er oars gefaer is,

Dat de iene of de oare liepe snaek

Sîn kloeren kriget ïn de saek,

Sa, dat er mei de wetten

Net mear is to biletten.”

»Dat 's goed,” sei Jan. »Doch mar jou bêst;

Jy matt' mar iv'rich lêze.

In dei twa trye scille op 't lêst

Wol oer to kommen wêze.

Ik hie 't oars hjoed wol graech fornomd.

Mar 'k bin hjir by de rjuchte komd,

Dat kin 'k nou al bigripe.

Jy binne wol bislipe.”

Hy tocht: dat is in man fen ear,

En tige bêst to brûken. —

En oan 't studearjen gîng mînhear,

In alte tsjokke boeken ?!

Ja, krekt sa min oer Jan sîn saek

As oer de Hottentotske spraek.

Mar Jan dy woe 't wol leaue;

Dat moast foaral sa bljuwe.

Dy trye dagen foelen lang.  
 't Kin soms in bîtsje lye;  
 Hja koene 'm wiles, wier er bang,  
 Yet wol to pakken krye.  
 Hy gîng op tiid wer nei mînhear  
 En sei: »Nou binn' jy, hoopje 'k klear,  
 Oars siz 'k it jo tofoaren:  
 Den mat 'k mar nei in oaren.” —

»Né,” sei mînhear, »kom jy mar ïn.  
 Jy mey' tofreden wêze.  
 Jy kinne, tink ik, gjin latîn,  
 Oars koen je 't sels hjir lêze.” —  
 Do wiisde er op in boek, dat laei  
 Der iepenslein. Mar Janboer sei:  
 »Latîn? hwer scoe'k dat leard ha?  
 Nou wol mînhear 't forkeard ha.” —

»Nou,” sei mînhear, »ik waerd hast gek,  
 Sa ha 'k dêr op studearre.  
 Dy steapel greate boeken ha 'k  
 Trochwotten allegearre;  
 Mar 'k fûn der hwet ik sochte net. —  
 In 't ein koe 'k út in alde wet  
 Fen sechstsienhûnderdtrye  
 Hwet klearrichheid forkrye.

»Sa bin ik slagge om op it lêst  
 Foldwaende klear to reitsen.  
 Jy meye, siz ik jou for fêst,  
 Jou soan fry alles meitse.” —  
 Jan sei: »Den mat dat jân yet klear.  
 Hwet bin ik ïn jou skild, mînhear?  
 Den scil 'k it jild mar passe  
 En gau nei hûs ta krasse.”

»Ja frjân, as 'k al mîn moeite jo  
 Bitelje liet by de ûren,  
 Den kaem 't to heech; dus jaen my nou  
 For diss' kear achtsien stûren.  
 Mar mei 'k in goede rie jo jaen:  
 Wês net oerhaestich ïn jou dwaen,  
 Mar hoeden en foarsichtich;  
 De saek is sa' gewichtich!

Gean ek ris nei mînhear Bendik,  
 Licht wird' jy den yet wîzer.  
 En seit dy krekt allik as ik  
 Den is 't sa fêst as izer.  
 Ik hab jo 't rjuchte sein, nei 'k mien,  
 Mar twa witte alltiid mear as ien.  
 Ho wisser as jy binne,  
 Ho fêster as jy rinne.” —

De boer bitanke tûzen kear  
 En woe de ponge lûke,  
 Mar ear 't er klear wier sei minhear:  
 »Goe frjûn! hwet scil jy brûke?  
 My tocht, in inkeld gleske wîn.” —  
 Jan sei: »Den mat der sûker ïn.” —  
 Fen sels, dat koed er krye,  
 Wol twa en ek wol trye.

Dêrop ging Jan sîn wei en socht  
 Minhear Bendiks kantoar op;  
 Hy frege in man dy 't him der brocht.  
 Hy die mar drist de doar op  
 En do 't minhear der foar him stoe  
 Sei Jan frymoedich hwet er woe;  
 As 't wier ïn 't lid to reitsen  
 Om Klaes sîn goed to meitsen.

Dy man waerd hoannich en hy sei:  
 »Komst hjir to gek-oanstekken?  
 Dou fregest nei 'n bikende wei,  
 En dat is 't wirk fen gekken.  
 Ho scoe dîn eigen jonge nou  
 Fen dy net alles erve? 'k Leau  
 Datst dou in ezel biste,  
 Ast dat net better witste.” —

- »Minhear," sei Jan, »dit giet to grou!  
 Min freegjen is my mien'en.  
 Wist eltse boer safolle as jo,  
 Den wier jou boel in ienen  
 Faillit; jou hele kreammery  
 Wier neat mear wirdich. Matt' je op my  
 Sa oer min dommens kibje?  
 Dêr matt' je just fen libje!" —
- »Hwet babbelst dou fen kreammery?  
 Dom biste oer alles hinne.  
 Mar koart en goed, bitelje my,  
 Den kinst wer hinne rinne." —
- »Nou goed," sei Jan, »siz den mar gau  
 Ho folle 't is, den jaen 'k it jo.  
 Om jo bin 'k net forlegen;  
 My dalik ut to fegen!" —
- »Dat is ien gûne en tachtich cint." —  
 »Wol seis-entritich stûren  
 For sok in frjânlîk komplimint?  
 Jy skimpe op domme boeren  
 Mar topje er yet al aerdich fan.  
 Deis sokke in stik of fiif, goeman,  
 Den kin jy 't aerdich stelle.  
 En den yet ek sa skelle!

»As jy jou abbekatelak  
 Sa djûr forkeapje kinne,  
 Den binn' jy skielik ûnder dak.  
 Mar 't scil sa hird net rinne.  
 Jy witte fen mîn saek nin bît,  
 Bigrîp ik; nou bigjin je ût spit  
 To bearen en to brommen  
 Om fen my ou to kommen.

»Jy freegje helte mear sa mar  
 As oaren fen my nimme  
 En dogge er lang sa fölle n't for.  
 Kin dat nou mei 'n oar stimme?  
 Mînhear, dat is gjin kristlik dwaen.  
 'k Wol jo ek achtsien stâren jaen.  
 Dat 's gau enôch fortsjinne,  
 Dat matt' jy sels bikinne." —

Mînhear Bendik waerd omtrint poer.  
 Hy wier hwet koart fen holle.  
 »Fol-ût bitelje maste, boer;  
 Ik freegje neat to folle.  
 En nou forstean 'k gjin praetsjes mear." —  
 »Nou," sei de boer, »dêr is 't, mînhear!  
 Mar hald it in 'e rekken,  
 't Komt sûr jo op to brekken.

»'k Scil elk fortelle, — tink er om! —  
 Hwet jy for'n kearel binne.  
 Jân as ik ïn 'e herberg kom  
 Scil 'k dalik mar bigjinne.  
 Sok jild-ousetten! 't is godloas! •  
 Mar man, jy scille, — 't kin net oars, —  
 De straffe er wol for krye,  
 En yet ris hûnger lye. —”

Sa gîng er foart, — en seach mar gau  
 De stêd wer út to kommen.  
 Foartoan forsûmme er net om trou  
 Sîn drîgjen nei to kommen.  
 Mînhear Bendik wier troch gemien,  
 Mar Judas Njirre in bêsten ien;  
 Dat rôp er elk tomjitte  
 In 'e hûs en op 'e strijtte.

Mînhear Bendik hie wierheid sein;  
 Hy woe 'r gjin doekje om wine.  
 Dy oare snaek hie 't sa bilein,  
 Hy moast de knapste skine.  
 Hy ging for 'n kindichappekaet  
 En for goedkeap, — troch Jan sîn praet.  
 Bendik — elk koe 't bigripe, —  
 Wier lang net fin bislîpe.

**Fortoaning en kwaksalvery**

Dêr wint men wrachtich yette  
 Ek ïn ûs tiid it measte by.  
 Ho knap de minsken h jitte,  
 Forljochte, flink en liberael,  
 Hja litte troch oppronke tael  
 Hjar yet tofolle liede,  
 En somtiids wol forriede.

**Brutale mannen ha de wrald**

In hjar bisis, — ek yette.  
 Ien dy 't him altiid dimmen haldt,  
 Kin op Jan Pôep's plak sitte.  
 Dy tinkt dat bluf en krûperry  
 Gjin kearel past, — en mient dêr by  
 Dat alle ljue dat leauwe,  
 Scil wol ïn 't efterst bljuwe.

**Sneins wirdt it yen forteld, — en oars**

Den fint men 't wol to lêzen:  
 't Is better earlik as godloas  
 En dêrtroch rîk to wêzen.

Dat stamt men ta, mar troch in dei  
 Den wit men faek gjin rie dêr mei.

Den is 't ïn folle dingen  
 Net op sîn plak to bringen.

Wês knap en kindich, dat 's yet neat;  
 Dou mast mar prate kinne.  
 Kinst dat, — al hest net folle leard, —  
 Fen masters scitte 't winne.  
 As dêr in oar op skimpt en docht:  
 It smît soms moai hwet op; dat sjucht  
 Men oan in hopen ljuwe.  
 Dus scil 't ïn wearde bljuwe.

Boer Jan sîn eigen dommens hie  
 Him foar de kroade rideñ.  
 Bendik, dy 't glêd unskildich wie,  
 Waerd just dêrom bistriden.  
 Dêr habbe yette foar en nei  
 Wol knappe mannen kampjen mei,  
 Om 't sokken 't lûdste kefje,  
 Dy 't minst in saek bisefje.

Hab mar de dommen op dîn hân,  
 Den kryste goede dagen.  
 Den klinkt dîn lof oeral troch 't lân  
 En wirdst op hannen dragen.  
 Mar sels mast dêrmei frede ha,  
 Oars bist der stellich min oan ta.  
 't Giet faek mei sokke guten  
 Forkeord ïn 't eintsjesluten.

Men stelt yen wol foarâtgong foar ;  
Mar 'n hopen bliuwt by 't alde.  
My tinkt, de les fen Gabe Skroar  
Dèr mei we ûs wol oan halde,  
Al falt dat altiid lang net licht.  
Dat is to sizzen: Doch dîn plicht  
En lit de ljuwe rabje  
En boartsje en hersenskrabje.

---



Rjuw kinsten, dy 't men djûr bitellet,  
 Omdat dê greate heap net wit  
**Hwer** 't Abraham de moster hellet,  
**En** hwet der efter 'e skermen sit, —  
 Dy scoene licht to neate renne  
 As 't folk ris fiks forljochte waerd.  
 Dus freegje 'k: scoen we leauwe kenne  
 Oan alle liberael gepraet?

**Hja** preekje fryheid allegjerre;  
 Mar 't liket faek op fûglery.  
 It fryheidsfluitsje dat wy hearre,  
 Dat lokket ús in slaverny.  
**Hja** scille 't einlings sa fier bringe,  
 Dat nearne fryheid mear bistiet.  
**Hja** wolle 't nou mei 'n wet al twinge,  
 Dat eltse bern nei skoalle giet.

Ho deale kry' se 't in 'e holle?  
 Mat ik gjin baes wêze oer min bern?  
**En** den scill se ek yet sidze wolle,  
 Da' se oeral graech de fryheid sjen?  
 Men mat mar al dy praetsjde leauwe  
 En wrotte en wrame mei gedild,  
 Den scill' se ús in 'e hinnen trjuwe  
 In koalraep, dy 't in tûnne fôlt.

\*k Stel, as de berntsjes fiif jier benne,  
Drjuwt hjar de wet nei skoalle ta.  
Der matt' se deis seis ûren hinne  
En les in folle dingen ha.  
Den scil men 't sa fier bringe wolle,  
Dat mannich arbeidsman omtrent  
Sa folle wîsheid in sîn hölle  
Biwarret as in dom student.

Mei fjirtsien jier scil 't learen einje.  
Den matt' se oan 't skreppen om sa fier  
To kommen, dat se hwet fortjinje.  
Dat 's hege tiid den, siker wier!  
De iene mat by 'n baes to learen  
En de oare tsjinje by de boer.  
Mar fryheid! heechforljochte hearen!  
Praet der den mar net langer oer.

In hopen roppe op paed en strjitte  
En in 'e herberge en oeral  
Hjar liberalens elk tomjitte,  
En skimpe op tsjinpartyen mâl.  
Mar benn' dy mannen in hjar huzen  
Tsjin 't wirkfolk en tsjin wiif en bern  
Ek liberael? och! under tûzen  
Is dat by hûndert pas to sjen.

**A**s den de bern op 't lean hwet benne  
 Komt skielik de soldatery,  
**E**n der is 't nou sa fier mei hinne,  
 Dat nimmen rekket langer fry  
**A**s litse en krûmme, ûngéve en wrakke.  
 As heit sîn jonge nedich is ,  
 Der wirdt alheel gjin drokte oer makke,  
 Hy mat mar komme en oars is 't mis.

Den ken er him forsprekke litte  
 For lompe boer, en wit hwet mear ,  
**E**n by de felle simmerhijtte,  
 Mei 'n ransel sjoue en mei 't gewear.  
 Hy mat mar dildsje kenne en drage,  
 Al kryt er noch sa 'n mijitte fol.  
**E**n hwet er kriget ïn 'e mage ,  
 Dat is sa 't is, — dat heart men wol.

Hy is der ek to gast net noadde !  
 For 't lâns bilangen mat dat sa.  
 De ljue, binaid mei giele koarde,  
 Matte ek hwet to forstriken ha.  
 Oars scoen' se hjar forwite kenne,  
 In skimpers-kranten, dy 't men het ,  
 Dat se op lâns kosten liddich renne.  
 En 't sprekt fen sels, dat is sa net.

**Mar scil dat fryheid hjiitte kenne?**  
 Der ken min dom forstan net by. —  
**En as se dat to boppe benne,**  
 Bljuwe ek de measten net mear fry,  
**Mar litte hjar oan in fromensk bine.**  
 Den is 't mei alle fryheid ât.  
**En derom freegje 'k mar: hwer fine**  
 Wy yette fryheid ta bislût?

Men heart en sjucht soms gûchleryen  
 Der 't wol hwet fen to sidzen is.  
**Mar 'k hald my ljeaver stil; hwent swyen**  
 En tinken is yet fry, — dat 's wis!  
**Mar nou 't se er oer to malen lidze,**  
 Dat skoall'gean plicht wirdt nei de wet,  
 Nou wol ik doch der hwet fen sidze.  
 Hwent ho 't den scil, — ik wit it net.

Né stil! ik mat my net forsinne.  
 't Is gjin forplicht nei-skoalle-gean,  
 Hwermei se nou foarearst bigjinne.  
 Dat doar' se yette net bisteau.  
 It wirdt in lits bâtsje oars bikûpe.  
 De bern, ta toalve trettsien jier,  
 Dy matte n't mear op 't lân omkrûpe  
 Of oars mei skreppe for 'n deihier.

Dat woll' se mei in wet forbiede,  
 En dertroch jimmer de earmen bern  
 Oanhaldend trou nei skoalle liede.  
 En den scill' we op it lest hwet sjen.  
 Den kry' we in slach fen arbeidsmensken  
 Hjir in ûs landsje, ridlik gau,  
 Sa knap en flink, alheel nei winsken,  
 As elke boer en borger nou.

En den scill' we allegjer mei kieze.  
 En gau seil den de dompery  
 En 't ald bihald de slach forlieze,  
 En den wirde alle mensken fry.  
 As wy oer twade-keamer-saken  
 En oer 't provinsyael bidrjuw  
 Sa 'n klear bigrijp habbe as oer braken  
 En slatten, — komt de gouden ieuw.

Nou, arbeidsljue matte ek ek mar witte  
 Ho let as 't is. Dy 't rennen leard  
 Het, wol him net mear kroadsje litte.  
 As mar de wal it skip net keart.  
 Men ken net op 'e souder stappe  
 Sa fen 'e grûn ou, dat rent mis.  
 En wol men maetskippy-opknappe,  
 Den mat men earst hwet nedichst is.

Men mat in goede rekken meitse  
 Foar dat men oanfangt mei 't gebou ;  
 Oars ken men licht in 't unleech reitse  
 En 't keal wirdt greater as de kou.  
 As 'k op 'e fiskmerk praet allenne  
 Scil nimmen ungelik my jaen.  
 Mar wollen is yet lang gjin kennen ;  
 En 't is mei sidzen net to dwaen.

Thîl Ulespegel wier mei 'n krode  
 Fol kikkerts ienkear op 'e wei.  
 Dat folk het springen in 'e mode ;  
 Der hie de ald bisfeint drokte mei.  
 Hy moast mar gripe, grape en keare,  
 En wier doch jimmer wer guods kwît.  
 En mocht er flokke, raze en beare,  
 Sin kroadsjen einde net in bît.

In hopen, dy 't hwet greats bigjinne,  
 Dy underfine 't selde as hy ;  
 Omdat se 't rijuchte krûd net kenne ,  
 Of sjugge in hele boel foarby ,  
 Of miene maklik wei to rearen  
 Hwet net licht wei to rearen is. —  
 Sa roaiden somtiids wîze hearen  
 Wol dealse fier de planke mis.

Ik ben birekne, sids ik jimme,  
 For 't boerewirk, sa goed as ien.  
 'k Ben selden sündér wirk, — hja nimme  
 My yet, den het in oar al dien.  
 Fiif bern ha 't wiif en ik; der benne  
 Al twa by dy fortsjinje mei.  
 Dy moasten nou nei skoalle kenne.  
 It hele jier lans, dei by dei.

Mar as wy 't libben halde wolle,  
 Den matt' dy jonges mei poat-oan.  
 Hwent ik mei skreppe, grave, dolle,  
 Wike út, wike in, fen de iere moarn  
 Ta jûntiids let, — den ken 'k allenne  
 Yet net for 't hele hûsgesin  
 't Ienfaldich daegliks breake winne,  
 Ho sún en sterk en flink ik ben.

Nou, — mat men sa yens libben slite,  
 Hwet helpt yen boekewisheid den?  
 Der ken men ommers net fen ite.  
 Sa redeneart in arbeids-man.  
 Der komme in 't jier safolle tiden  
 Hwerin men soberearje mat;  
 Men het sa 'n lesten to bistriden  
 En komt sa faek mei 't jild to kort.

Den ken men ommers nearne op sinne

Al hwer 't in dûbeltsje of in stûr

To fangen is. Bern, dy 't hwet kenne

Dy matte mar; en fjirs to djûr

Is 't skoallegean for earme ljewe,

Al benn' se ek fry fen skoallejild.

En as de bern ûnkindich bljuwe,

Hwet let dat op 't ierappelfjild?

**M**y ken dat wol rjs ny bikomme.

En dat in hopen in sa 'n plak  
't Oanhaldend ezeljen fordomme,

En lidze 't aan op hjar gemak,

En litte 't op 'e rimen drjuwe,

Dat is sa unnatûrlik net. —

Né, scil men jimmer krîgel bljuwe,

Ik sids mar: dat biteikent hwet.

**M**ar as de bern nou net mear meye

En scille manljue alles dwaen,

Den mey' de boeren grine en kleye,

Hja matte heger wirklean jaen.

En den scil ik de kost ris winne,

For 't hûsgesin, allik as 't heart.

Dat sûne mannen dat net kenne,

Dat is doch wrachtich wier forkeard.

Den matt' se 't lân hwet leger hierc,  
 Den komt it saekje maklik klear.  
 Hwet minder nei de hichte fierc,  
 En nei de lichte inpleats hwet mear,  
 Sa kommt it ding fen sels torjuchte,  
 En 't rent sa maklik los as 't ken.  
 Hja scille er net om tsiere en fjuchte,  
 Hwent dêr is stellich nimmen tsjin.

Sa praeette 'k tsjin boer Melle jister.  
 Mar dy sei: »Man, hwet skeelt je nou ?  
 As dat de wei is, stiet it tsjuster.  
 Sa kommt it net, dat sids ik jo.  
 Wy kenne 't lân unmoglik krye  
 For leger hier, — 't docht altiid mear.  
 En heger wirklean ken 't net lye;  
 Ek dat is as de dei sa klear.

»De hearen, dy 't der oer studearje,  
 Ha dat wol tige foar 't forstân.  
 Hjar tinkt, hja scille 't oars wol klearje,  
 En jowe 't middel oan 'e hân.  
 De bern matt' trou nei skoalle renne,  
 Hwent nuttich is 't dat elk hwet leart;  
 En ken den heit it brea net winne,  
 Den mat er mar nei de earmesteat." —

Och hea! der scoe men fen bisoue,  
 Sei ik; — wirdt dat ûs foarlân den ?  
 Hja litte 't den, om my, mar bljuwe  
 Sa 't is. — Hja wolle in arbeidsmân  
 Sîn lot forbetterje en forheegje;  
 Dat is tsjinwirch oeral de tael.  
 Mar is sa'n ústsel, — doar ik freegje, —  
 Forûtgong ? Is dat liberael ?

Hwet jowt it my, — as 'k by mîn switten  
 Yet freegje mat om underhâld, —  
 Dat ik in bekfol kom to witten  
 Fen sinne en moanne en fen de wrald ?  
 Hwet in 't jier trettsienhûnderd barde,  
 In 't lân, dat nou net mear bistiet ,  
 Ho 't Frankrik soms de poat fortarde,  
 En ho 't it nou in Spanje giet :

Hwa 't in den Haech to praten sitte  
 Oer 'n hege of lege skoallewet ;  
 Hwa 't liberael of oars hwet hijtte,  
 En as we 'n spoarwei krye of net ; —  
 Hweroan se 't opbrocht jild útjowe :  
 Och ljeave ginst ! hwet maelt my dat, —  
 As ik, ho 'k skreppe mei en klaue ,  
 Mei rûch en droech my fûrje mat ?

Hwet se ûs oan lean te min bitelje,  
 Dat woll' se út de algemiene poat,  
 Der 't elk ta bybringt, for ûs helje.  
 Den hjit it, wy krye ûnderhald;  
 Mar just de ljuwe, dy 't ûs brûke,  
 't Sy ïn fabrik of bûrkery,  
 Dy benne 't, dy dat foardeel lûke,  
 De skande allenne drage wy.

En as we den mei kieze kenne,  
 It sprekt, wy scille den for him  
 It meast ûs warre en drave en renne,  
 Dy 't measte jaen wol for ûs stem,  
 Of lit as earmfaud minst ûs lye.  
 En komt er den felle striid  
 Om mannen ïn 't bistjûr to kryen,  
 Dat wirdt for ûs in fette tiid.

De dîvel woe ris baergen skeare,  
 Krekt as men skiep by 't maitiid skeart.  
 Nou. baergen kenne freeslik beare,  
 En ha gjin demmen-wêzen leard.  
 As Hantsjebaes al kibbe en flokte,  
 De ald súch dy gulde 'm omtrent döl.  
 Hwet krike ûs maet for al sîn droktes?  
 In boel geskreau, in bîtsje wol.

Sa giet it mei de greate plannen  
 Fen folksforljochters ek wol faek.  
 't Untbrekt soms wol gelearde mannen  
 Aan de echte kennis fen in saek.  
 In stîve knotte los to kryen  
 Ken drege kerels drokte jaen ;  
**Mar** om him efkes tröch to snyen,  
 Dat ken in foege jonge dwaen.

Doch as dy ljue sa skrjuwe en wrjuwe, —  
 Al mei de kwessie fen de dei  
 Der krekt allike fier om bljuwe,  
 Hjar moeite is doch forgees net wei.  
**As** mar de mensken 't lêze wolle, —  
 Al strekt it den ek oars for neat, —  
 Jowt hjar sôk skrjuwen rûm sa folle  
 As my it slatten fen in sleat.

Mar likwol, as wy hoopjend leauwe  
 Oan 't goede en 't wiere in disse wrald,  
 Den scill' we net oerhaestje en drjuwe.  
 Hout dat oerlangsum waechset haldt  
 Lang wearde. As wy oan 't terskjen benne,  
 Den kry we rûchte en tsjef; mar ek,  
**As** dat earst oprûmme is, den kenne  
 We 't goede sied skeppe in 'e sek.

Sa bringt ek al dat harrewarjen,  
Al ha se faek de gek der mei,  
Al is 't mar om elkoar to narjen,  
In 't ein wollicht hwet goeds to wei.  
In drjuwer rent him eft'r 'e siken,  
In sleaukes hinget, keart en haldt  
Tobek; mar dit döcht, jimmer blikken:  
Foarûtgong is der ïn 'e wrald.

---

## **Us dageliks brea.**

---

Ienfaldich, billik, from en froed  
Is de algemiene bea  
Fen kristenmensken: »Jow ûs hjoed,  
O Hear, ûs daegliks brea!“  
En nei 't de katechismus seit  
Is alles hwet der efter leit  
Ienfaldich to forstean:  
Al hwet in menske nedich is  
Fen dei ta dei; en dat is wis  
Hûsfesting, kost en klean.

Nou, as we jimmeroan dat ha,  
Den benn' we al aerdich klear,  
Den ken men ek mei 'n bitsje ta.  
En hwerom hoeft men mear?  
As immen kjeld noch hûnger lydt  
En bljuwt fen pine en wea bifryd,  
Den ken er ek bistean.

**Hy** bringt it den al aerdich fier  
**Mei** deis in gûne ta deihier,  
 Of yet hwet leger lean.

**Mar** tink der nou ris efkes oer.  
 As moarns de goede Hear  
 Stiet mei in hele greate koer  
 Fol daegliks item klear,  
 Om alle bidders to foldwaen,  
**En** elk sîn part en diel to jaen ;  
 En rekkent op hjar tank,  
 Towile er oars net jowt as hwet  
 Hjir elk needsaeklik habbe mat :  
 Den wirdt er leand mei stank.

Hwent as minhear Fornaem moarns bidt  
 Om daegliks brea, o sei !  
 Hofolle der wol efter sit  
 Der is hast de ein fen wei.  
 Dat 's oesters en sjampanje-wîn,  
 Dat 's al hwet hearlik is en fin,  
 For weelde en for geriif.  
 Dat 's foer for hînsders, acht of tsien,  
 For 'n hûsfol boden en misskien  
 Op 't minst in hûn of fiif.

En is er thûs, deis twa ris mat  
 Er nei de soasjeteit;  
 Lid wêze fen ik wit net hwet,  
 Der 't nut of eare ïn leit  
 En bulten kostet. Simmerdei  
 Den mat er wit ho fier hjir wei  
 Op greate reizen gean.  
 En as dat allegjerre n't ken,  
 Den het mînhear Fornaem to min,  
 Den ken er net bistean.

In dame, dy 't nei de earste swier  
 Hjar alle dagen klait  
 En op sîn minst wol saun ketier  
 Den foar de spegel drait,  
 Ta dy hjar daegliks brea bihjert  
 Jiers toalve pakjes, minder net,  
 Mei 'n falsk bosk hier der by,  
 En hûdsjes licht in stik of saun.  
 Fiif ringen wol oan elke han ;  
 En oare snaerdery.

Pomade en olie 'n wît hwet **mear**,  
 In heale mjitkoer fol.  
 Ta hjar geriif in jonge hear,  
 Dy 't mei hjar útgean wol.

In keamerjiffer op hjar wink,  
 In papagai, in moaye fink,  
     In hûndsjie, lits en tear.  
 In tsjerke en skouborch fest in sit,  
 Lektuur, musik, en och, hwa wit  
     Hofolle saken mear?

In snipper famke, kreas fen lea,  
     Hwet wild fen hjurren ek,  
 Het, bûten bûter op hjar brea,  
     Folle oare saken brek.  
 Earst bulten djûre moaye klean,  
 Den gau ris op bisite gean;  
     Of nei in merke of pret,  
 Oppronke mei de rûmt fen goud;  
 Mei 'n feint, dy 't se om in oaren jowt,  
     Sa gau se okkasie het.

My tinct, as sok in skepsel bidt  
     Om daegeliks brea, den giet  
 It by de sleur, omdat se wit  
     Dat dat der altiid stiet.  
 Der sorgje heit en mem wol for.  
 Hjar hertsoertinkingen ben mar  
     Oer side en oer tibee,  
 Oer 'n nye sjal of hûdsjebлом.

Hja sucht en skriemt ïn stilte er om,  
 Komt dat nei 't sin net ré.

En bidt in dokter om sîn brea,  
 Den bidt er oaren ta:  
 Kjeldstoffen, pìnlik ïn 'e lea,  
 Galkoartsen, jicht of sa.  
 Bidoarne magen, kramp of 't sûr.  
 In jiffrou of in alde boer,  
 Dy 't altiid sukkelt en  
 Gjin ûre sûnder dokter wol,  
 En pillen brûkt by 't doaskefol,  
 En heel wol libje ken.

Tink om in abbekaet; o fy !  
 Bidt dy om brea, hy bidt  
 Om deilisskip en tsierdery,  
 Dy 't fen gjin tajaen wit.  
 Mar né, dat bljuwt er oars genoch,  
 Al bidt hy net; de wrald is doch  
 Forearst net skien fen kwea.  
 Het hy de gave, om soms as 't mat  
 Klear oan te wizen: »wît is swart!“  
 Den het er daegliks brea.

As 'n kranteskrjuwer bidt om brea,

Den mat er bidde, fest,  
 Om oarloch, ûnrie, need en dea  
 En alderhanne lest.  
 Foaral as 't in 'e kiezers-tiid  
 In boel gehispel jowt en striid,  
 Den is sîn brea net skriel.  
 En politieke knoeyery  
 Jowt him der tsiis en bûter by,  
 En wîn by 't middeimiel.

As me altiid tinkt: hwer ken 't mei ta ?  
 Den is 't mei 'n bâtsje klear.  
 Mar is 't altiïd: hwet ken men ha?  
 Den nimt it fry hwet mear.  
 Hwent sjuch, de wrald is proppe fol  
 Fen hwet men habbe ken en wol,  
 Hwet hearlik is en goed.  
 En kriget men der oars net fen  
 As daegliks brea, en dat hwet tin,  
 Den het men min yens moed.

Né, het men al yens brögge deis,  
 Mei tsiis en bûter ek;  
 By 't miel in skiklik stikjen fleis,  
 Al is 't for deis mar spek;  
 Sneins ta de koffi 'n boltsje of bak,

**E**n ïn 'e thé in klûntsje of slak,

**E**n nimt men soms der fen

In pretsje, in jierdeifeest of sa,

Jiers ienkear nei in merke ta;

Den het men 'n net sa min.

**M**ar het men oars nen bít as dat,

Och hea! hwet het men den,

**A**s me ïn ûs dagen libje mat

As achtber borgerman?

Den ken men op 'e soasjeteit

Net prate mei authoriteit

Oer beste en minne wîn,

Oer runderhazze, oer iel ïn 't sûr,

Oer feesten prachtich moai, en oer

Dineeren, keurich fîn.

Den ken men ek op sneintojûn

Net nei de herberg gean.

**E**n lidze der in bledsje rûn.

Den ken 't der net op stean,

Forliest men in riksdaelder twa

En drinkt der flink jenever ta,

Ta dat men op it lest

Net dronken, mar mei 'n foege rûs

Bihoarlik stuit'rich giet nei hûs.

As 't wiif al leit ïn rest.

Den ken men 't hûs fol folk net ha

In kear of hwet ïn 't jier,

Net jimmer nei bisiten ta,

Oppronke nei de swier,

Of ljeaver nei yens rang en steat.

Kort-om: den jowt yen 't libben neat

As hertsear, hwent den bart

Der ommers omtrent al den dei

In boel, dat yen net barre mei,

En dat men lit mei smert.

De Skrift, fen goede learing fol,

Skoan 't mannichien der nou

De helt net mear fen leauwe wol,

Mar skaft it kortwei ou, —

Dy seit ek dat in menskebern

By brea allenne n't libje ken.

Dat praet gjin ien ljeafst wei.

Der leit oars, leau 'k, hwet geastliks ïn:

Mar fallen benne geastlik blîn

En libje 't stoflik nei.

De measten habbe graech hwet mear.

Mar 't liket wol, men leaut  
 Stilswyend, dat ûs ljeaven Hear  
 Dat *mear* net maklik jowt.  
 Men bidt om brea Him dei by dei,  
 For 't oare kiest me 'n oare wei.  
 Is 't traktament nei 't sin  
 To lits, den falt men it bistjûr  
 To foet en flait in domme boer,  
 Al wier 't yen oars to min.

Wol immen sels of for sîn soan  
 In fetlik baentsje ha,  
 Hy bidt der sokke ljuwe om oan,  
 Dy 't lange earmen ha.  
 Dy 't skrept en stokelt om in 't lân  
 It folk to kryen op 'e hân  
 Het ek hwet op 'e loer.  
 In oar jowt minne waer for 't jild,  
 Of krappe mjitte, of tsjucht in 't fjild  
 To skachr'jen by de boer.

Kampmeetings, der 't men raent omtrent,  
 Der roppe se elkoar ta:  
 Wy matte twa-en-tweintich cent  
 Foartoan in de ure ha.  
 Wirkbazen set men peal en perk,

Dy meitse den hjar ek wer sterk.

En wirdt der tsjin hjar sein:

»Hwet is dy rekken heech!“ Nou ja,

Troch 't hege wirklean komt dat sa. —

Hja winne er by ïn 't ein.

Sa skreppe fölle mensken om

Hwet mear as daegliks brea.

En man nichien, al is er from,

Sjucht gjin ûnbîdich kwea

In 't drayen by de wierheid lâns,

Dat om in moaye bûtenkâns,

Ja faek om lîts gewin

Wol dien wirdt. Hwent it bröchjen, dat

De Heare in earlik man tapart,

Is föllen fjirs to tin.

Der ben yet ljue, dy ben moarns ier

Fen 't bed en eltse jûn

Bytiid der op. It hele jier

Giet by dy ljue sa rûn.

Hja bidde moarns om daegliks brea,

En brûke deis hjar sûne lea.

As dat fortuten docht,

Den binn' se jimmer wol to moed.

Dat benne mensken from en froed

En warber en oprjucht.

Mar ljue fen oansjen benn' dat net.  
 Hja libje needrich stil  
 En komme by gjin set of pret  
 En meitse neat gjin spil.  
 Ien dy 't hjar tsjinst net nedich het,  
 Tinkt hast om sökke mensken net.  
 Dat hindert hjar net fel.  
 By eigen wirk, ïn eigen hûs  
 Ha sökken wille by de rûs,  
 Der jaen se hjar by del.

In hearke het ris tsjin my sein,  
 Do wiisde er op sa'n went, —  
 Der waerd in plantelibbenlein.  
 Hy wie 'n forljochte fint,  
 In fînbislipe weeldebern,  
 My tocht, dat koe 'k wol oan him sjen.  
 Ik frege my ris ou:  
 Hwa benn' tsjinwirch der best oan ta,  
 Guods dy 't in bulte poerem ha,  
 Of stille froede ljuw ?

In man nich deftich hûsgesin  
 Fen dy of dy mînhear,  
 Dy 't hast sîn steat net fierke ken,  
 Omdat er fölle mear

**A**s daegliks brea fennéden het, —  
 Der benn' se sa gelökkich net  
**A**s ïn dy lítse rûmt,  
 Der 't skept en pield wirdt dei by dei,  
**E**n stelt yen den tofreden mei  
 De winst dy 't der fen komt.

Bang ten in hele bulte lest  
 En wjirrichheid is elts.  
**E**n folle mensken, — dat stiet fest —  
 Bisorgje dat hjar sels.  
 Men freget net: hwer ken 't mei ta ?  
**M**ar altiid is 't: hwet mat men ha,  
 Nei de easken fen de tiid?  
 En as men 't net bikomme ken,  
 Den is 't: Wy habbe fjirs to min !'  
 Dat bljuwt hjar libbens-striid.

Hwent stel, hja habbe net genôch  
 Oan tûzen gûne ïn 't jier:  
**A**l kry' se mear, den ha se 't dôch  
 Mei korten wei sa fier,  
 Dat fiftsienhûnderd is to min. —  
 Der 's wrachtich gjin bolwirkjen tsjin,  
**A**s net it sûn forstân  
 Hwet macht kryt, om dy sotterny,

Dy sucht nei weelde, en pronkery,  
To lidzen aan 'e ban.

In dagen fen de kiezery  
Is 't algemien geröp:  
Wy libje hjir ïn Neerlân fry;  
Pâs, borgers, pas nou op,  
Forsûmje net jim' borgerplicht,  
Hwent oars forspilje jimme licht  
Dy fryheid. En fol fjûr  
Giet den it stemmen, dat's fen sels.  
De ljeave fryheid, der het elts  
Dy moeite wol for oer.

In menske is sa fen aerd, hy bljuwt  
Hjir ljeafst ïn alles fry.  
En likwol mannich-i'en bijowt  
Himsels ïn slaverny  
Fen mode, trant en etiket,  
En rekket fest bitiisd ïn 't net  
Fen weelde en wraldske sin.  
As mannichien sín miening sei,  
Scoe'k tinke, woe'r der wol ût wei,  
Mar dat giet trôchgeans min  
Mar dy 't him flink der tsjin forset

En döcht sîn eigen sin  
In 't goede en 't wiere en freget net  
Hwet oaren haegje ken,  
Towile er stil sîn dagen slît,  
En libbet fen sîn eigen flît:  
Wint op in dûr it fier.  
Is dat nou net modern of ny:  
Nou, neam it ortodoks om my,  
Mar altiid bljuwt it wier.

---

## Leau gjin Flayers,

---

Net fier fen 't Hûs-ter-heide wenne  
 In 't sparrebosk in hazze allenne  
 Hy hie de hjertsmes danich roan,  
 Hwent man nich jager, man nich hûn  
 Hie deis him eft'r 'e böksen sitten.  
 Dôch hied er hjar t' ontkommen witten.  
 Hy wier to red hjar en to slim,  
 Gjin hûn dy renne koe tsjin him.  
 De jachttiid wier wer oer, do tocht er  
 Nou ben 'k wer feilich, derom socht er  
 In plakje dat him gaedlik wier  
 By 't winter for in goed ketier.  
 En twisken beammen in sa'n kom,  
 Der makke 't haske in fûge kûle  
 In 't lange stoarne gers forskûle,  
 Sa hie'r in leger smout en rûm.  
 Hy tocht: lit 't nou mar frieze of snye,  
 As ik net tröch de winter kom,  
 Den matt' we in tige slimmen krye.  
 Sa brocht er sündер sorch en lest  
 Sîn dagen tröch in swiete rêt.  
 En as de wîn de beammen swîpke,  
 Of foel der soms in bulte snie,

It haske wist altiid wol rie,  
 Dat hy 't der ïn sîn lîts bigripke  
 Yet waerm en skoan en nöchlik hie.  
**E**n libbe er der al poer allenne,  
 Gjin ien scoe'm ek forsteure kenne,  
 Wier sîn bigrip. Mar op in jûn,  
 Do 't al to skimerjen begûn,  
 Kaem der in stikelbaerch lâns rennen,  
 En kipe 's by de hazze binnen.  
 Hja hiene elkoar wol faker met,  
**E**n 't baerchje sei: »Wel alte jonge,  
 Hest dou it hjir? Dat tocht ik net,  
 Dou wierste, miende 'k, lang al fongen." —  
 »Né, 'k ben de hûnen yet ontkomd,  
 En nou ha 'k hjir mîn taflecht nomd;  
 Hjir let my hazzestrik noch jager." —  
 »Dat leau ik!" sei de stikeldrager.  
 »Nou frjûn, ik ben der mei ïn 't skik,  
 Datst dou yet libbest, en 'k mat sidze,  
 Dou bist er better aan as ik.  
 Och, ken 'k to nacht hjir net hwet lidze?  
 Dou hest oerfloedich plak for twa;  
 Ik ken mei 'n bîtsje rûmte ta;  
 Dou scit gjin oerlest fen my ha.  
 Onbilliks wol 'k net fen dy fergje,  
**E**n kenst of wost my hjir net bergje,

Den is 't net oars; den ma'k mar gau  
 Tröch nacht en onwaer wer op sjou." —  
 Dat koe de froede hazze n't fele,  
 Hy sei: »Dat griist my oan om dy;  
 Dou bliwtst to nacht mar stil by my,  
 Wy scille 't bed togearre dele." —  
 Hja gîngen mei elkoar to rest,  
 En beide tocht hjar, 't koe sa best.  
 »It döcht my suver neat gjin hinder,"  
 Sei 't haske, »as 'k sa mar lidze ken,  
 Is 't neat oars as 'k allenne ben."  
 Mar 't waerd al njunkelitsen minder.  
 De stikelbaerch, dy liepe gût,  
 Stiek stiltsjes wei sîn pinnen ût;  
 Dat die de hase al hwet forskikken,  
 Mar yette jowch er der net om,  
 Sîn leger wier sa breed en rûm,  
 Hja hoefden elkoar net fe rikken.  
 Mar 't stikelmansje wier net slûch,  
 Sa gau de hazze rûmte jowch,  
 Krong hy al wer in bîtsje neyer;  
 Hwerop him 't haske wer ontwiek,  
 Om 't hy al jimmer fûlder stiek.  
 En al sa njunkelitsen lei er  
 Sa goed in 't mids, dat for sîn frjân,  
 Wier mar 'n bihelplik plakje bljuwn.

Hie 'r dêr nou restlik lidze kennen,  
 Den hie 't yet ïn to skikken west.  
 Mar 't stekken fen dy stikelpinnen,  
 Dat wier sa 'n alderheislikst lest,  
 Hy seach gjin kans de sliep te kryen.  
 »In rare bysliep is my dit,  
 Mar 'k hab to nacht hjir neat as lyen,  
 Ik gean der ljeaver út; ik wit  
 Hjir tichte by yet wol in plak,  
 Der 'k reste ken mei mear gemak.”  
 »Och frjûn, ginst my dîn nest allenne ?  
 Sei do de baerch, »ik mat bikenne,  
 Do bist hast al to goed for my.  
 Mar witst hjir yet sa 'n plak to finen,  
 Den hald ik dit mar fest for minen.  
 Nou frjûn, goê nacht ! ik tankje dy !”  
 Sa liet dat haske him biprate  
 Eu rûmde 't plak mar for in oar.  
 Pas op ! er komme yet forskate  
 Bitoefté stikelkfrjûnen foar.  
 Yens neisten as yen sels te minnen,  
 Dy leare, leau ik, giet net kwels;  
 Mar nimmen scil biwize kenne,  
 Dat ik mîn neisten, hwa 't ek benne,  
 Yet ljeawer ha mat as my sels.

---

## It Leksum fen de Nachtegael.

---

Hans Plof wier fûgelfanger, wildsjitter en sa mear.  
In man fen aventûr wie 't. Hy kaem ris op in kear  
In 't bosk, en ïn sîn netten der hie 'r in nachtegael.  
Dat wier in wûnderfûgel, hwent dy spriek mensketael.  
»Och baes, lit my wer fleane," sei 't earme litse dier.  
»Hwet jowt it, my t' ûntnimmen mîn fryheid wille  
en tier?  
Den ha 'k gjin nocht oan sjongen, en ken ik dat  
net dwaen,  
Den scil gjin ien jo fölle for sök in fûgel jaen.  
Mar as jy my forhearre en litte my wer fry,  
Den dogg' je in deugd en winne der ek in bulte by.  
Den wol 'k jo trye dingen fortelle fen bilang,  
Dêr ken jy nut fen habbe jou hele libben lang.  
Dat benne trye saken, as jy dy halde ïn 't each,  
Den scill' se jo bifrye fen man nich libbens-pleach.  
Den kenn' jy lökkich wirkde, sa, dat ïn 't hele lân  
Gjin ien jo giet to böppø mei rïkdom of forstân."

Nou, dat ûnthjit roan Hans-om as lye malke ïn 't ear.  
Hy winske, as fölle mensken, ek altild al om mear.

Sa'n earme domme kerel forstânnich werde en rîk!  
 Tocht Hans, — dat liket nuver, dat klinkt ûnfoege brîk.  
 Mar dit is ek gjin fûgel sa 't ik se daegliks fin;  
 De geast fen Biljam's ezel, wol 'k leaue, sit hjir in. —  
 Hy liet de fûgel fleane, al leaude er 't net sa fêst,  
 Mar oars hie 'r fen nysgjirgens ek net in âre rêt.  
 It nachtegaeltsje sorge nou dat er skoatfry wie.  
 Mar tink foaral net dat er hwet ljeagens opdokt hie.  
 In oar mei moaye praetsjes forbijsterje, dat ken  
 De snoade menske allenne. Sa'n dier wist der net fen.

Hy sei tsjin Hans: »It earste hwet 'k dy fortelle mat  
 Is dit: kwel dy in 't libben oer sökke saken net;  
 Dyst noait bikomme kenste, omst derta like min  
 De macht heste as din earem my hjir birikke ken. —  
 Ten oarden siz ik: hest hwet forwarloase of forlern,  
 Dat wis en wrachtich wei is en net wer komme ken,  
 Den mast net grine en gnorje deroer by nacht en dei,  
 Oars giet wollicht mei gnorjen din hele libben wei. —  
 Mar tink biljeaven altiid om 't leste hwet ik siz:  
 Noait mast hwet leaue wolle dat glêd ûnmoglik is.  
 Al klinkt it moai in 'e earen, al hjitte 't knappe ljuw,  
 Dy 't soms dy söks fortelle, — kar fry hjar praet-  
                   sjes ou. —

Nou ha'k oan mîn unthjitten folût foldien, oars net?  
 Unthald mar goed mîn leksum, den kenst der ier en let

In bulte nut fen habbe; den dochst der foardeel mei  
By alles hwet dy oerkomt hjir op 'e libbens wei."

»It benne moaye reden," sei Hans, »dat is wol sa;  
Mar rîk en wiis to wirden heart wrachtich oars hwet ta."

Do sei de liepe fûgel: »Nou scil 'k dy yette hwet  
Fortelle: Hans, mîn jonge, dou hest in greate skat  
Dy niis ûntfleane litten. Hwent ïn mîn îngewant  
Hab ik in stien, in echte, tröchmoaye dyamant,  
Sa wûnder klear en sâver en ekstra fin, dat net  
In keining oait op ierde sa'n ien bisitten het.  
In 't ûntbikende Südlân, dêr 't noait in menske komt,  
Hab ik forline simmer him fûn en nei my nomd.  
Hy wirdt yet stadich greater: 'k tink, dat er nou for wiis  
Al gâns in bîtsje mansker as 't greateste swan-ai is."

Do suchte Hans en tochte: hwet ha 'k in sleaukes wêst!  
Hwent hie'k dy stien, den wier ik in skatrîk kerel, fêst.  
Do woed er graech de fûgel wer ïn 'e hannen ha,  
Dat lit him maklik tinke, mar seach gjin kâns der ta.  
Hwent ho 't er hersenskrabbe, hy fielde 't, ja hy wist  
't Scoe mei geweld net slagje en like min mei list.  
Him tocht mei moaye praetsjeshie'r mooglik yette kâns.  
Do lei er 't op in flayen. »Mîn ljeave beest," sei Hâns.  
»Kom as 't jo bljeaft wer by my, den siz ik dit dy ta:

In libben as in prinske scitte altiid by my ha.  
 Of hest de fryheid ljeaver? ek goed! dy gin ik dy.  
 'k Liet niis dy ek al fleane, dus kenst fortroue op my.  
 Mar meits den ïn mîn hannen dy stien dy efkes kwît.  
 Ik ken der 'n bulte wille fen habbe en dou nen bît.  
 Hy leit dy ïn 'e mage fest al to bare hird;  
 My tinkt hy docht dy hinder, tominsten neat gjin nut.  
 Ik scoe dy graech forsorgje dîn hele libben lang.  
 Noait kjeld of hûnger lye, dat wier ek fen bilang  
 For dy, sa'n teare fûgel. Mar dat heste oan dîn kar,  
 Ljeaf bistke, bring my efkes dy dyamant-stien mar."

De nachtegael dy lake en sei tsjin Hans: »Och, och!  
 Hwet bist in domme sôksis, in greate stumper dôch.  
 Ik sit hjir op in toeke, sa feilich, dou kenst my  
 Bisjritte noch birikke, en likwol kwelste dy  
 Om my werom to kryen. Dou sjuchste er is gjin kâns  
 Om 't mei geweld to klearjen, oars dieste 't stellich,  
 Hans!

En nou bigjinst to flayen. Mar frjûn, it is to let.  
 Ik ben dy pas úntfluchte; moedwillich kom ik net  
 Wer dalik ïn 'e knipe. In fûgel mei forstân  
 Jowt net sa maklik twaris him ïn in menskehân.  
 En fjirder grînste wakker oer 't missen fen de skat,  
 Dyst fleane littén heste, al is 't sa wis as hwet  
 Datst noait dy krye kinsté. In ienen oerfloed ha,

In alle rûmte libje, dat blonk dy hearlik ta.  
 Dat makke dy forbjustre en sa goed sjende blîn,  
 It gekke fen 't forhaeltsje dat seachst net ienris ín.  
 Hwent hwer ik 't aldermeaste just oer forwûndre ben,  
 Dat immen, dy 't forstân het, sa 'n dwaesheid leaue ken  
 As ik dy niis fortelde. 't Roan ommers al to kwels,  
 Dat ik in stien ïn 't liif hie yet greater as ik sels.  
 Ik jowch dy trye rieden, der koeste winst mei dwaen  
 For heel dín ierdske libben; mar 't scil nen grevel jaen,  
 Hwent de alderearste proeve dy witst al tröch to stean,  
 Allike min as Adam. — Dêr kenst mei hinne gean."

De nachtegael fleach fjirder. En Hans dy stie bidêst;  
 Hy tocht, ho ha 'k sa bjuster en stomme ûnnozel wêst?  
 Hwent alles wier bigriplik en helder as de dei;  
 En dôch wier ik er stom for; dat is my ïn 'e wei.  
 Mar 't is net oars to kryen; en derom wol ik net  
 Der mear oer grine en kleye, dat is nou dôch to let.  
 'k Scil ïn 't forfolch wol better oppasse en foar my sjen,  
 De nachtegael sîn leksum giet oars forgees forlern.

Do kroaske Hans nei hûs ta en fluite wol to moed,  
 En tochte, letter kry ik wer better dei as hjoed.  
 Thûs fûn er krekt de krante; dat slagge net sa min,  
 Om gau hwet to forsetten hwet yet him spile ïn 't sin.  
 Hy lies fen 't iene ïn 't oare; der fûn er, siker wier,

In echte houiks-oanfraech. In faem fen tritich jier  
 Woe boaskje mei 'n jongkerel fen alderdom as hja,  
 Dy moast in hebbich oansjen en goede gaven ha.  
 Jild koe hjar minder skele, dat hie se sels de rûmt.  
 En Hans tocht ïn sîn eigen: dat is nou wol fordormd!  
 Ik ben al achtentritich; — mar altiid jeuchlik wêst!  
 As 'k mar mîn hier net miste, den koe 'k my yette bêst  
 For achtentwyntich ûtjaen. Ho deale scil 'k dat ha?  
 Sa 'n fromensk mei hwet skîven, der woe 'k oars wol  
 op ta.

Hy lies de krante fjirder. Hwet deale seach er do ?  
 Hy lies ho 't Theophile him 't hier werom jaen koe.  
 Twagûne moast er tsjûre, den waerd him't middel stjûrd,  
 Dat ïn in wike of fjouwer brocht ïn sîn hier de groed.  
 Dat moast ïn ienen wêze. Mar 't dûrre doch to lang  
 Om dat earst ou to wachtsjen. To minsten Hans wier  
 bang

Den scoe him 't finkje ûntfleane. Mar ïn de fryery  
 Koe ek in himmel prûkjen 't sa lang wol dwaen,  
 tocht hy.

Hy levele op dy aanfraech sîn briefke handich ïn,  
 En skreau der gnap nei wierheid, sîn tastand sahwet ïn,  
 Mar de alderdom forgeat er. Do seach er ût mei langst  
 Nei'n antwird op sîn skrjuwen, fol hope op goede  
 fangst.

Mar 't kaem net mâlle haestich. De balsum for sîn hier

Dy brûkte er trou, — en op wier 't foar dat er ant-  
wird wier.

Kort-om, it hier en 't antwird bleaun alle beide wei,  
En 't ût-ein wier, dat Hans it wer op in grinen lei.  
Fensels dy dûble tsjinstuit, dy siet him dwers in 't liif.  
Hy tocht op 't lest, as 'k jild hie, den krike 'k wol in wiif.  
Jild is de beste balsem for 't hier en yette mear;  
Dat makket immen jeuchlik en glêd fen seizen klear,  
Al is er ald en stramplich Hie 'k mar in slompe jild,  
Den teach ik wis en wrachtich yet om in wiif in 't fjild.  
Net lang dêrnei do krike er in tsjûkke brief, dy wie  
Sa 't like ût Dûtsklân kommen; en do 'r dy iepen die  
Der kamen greate plijmzen pompier as kranten ût,  
Alhiel bidrukt mei cifers omtrent. It einbislât  
Wier: as er fjird'el gûne nei Hamborch stjûre woe,  
Den wier 't hast stellich dat er by tûznen wiâne scoe.  
Hans gîng dy brieven earnstich en tige oandachtich nei,  
En sa 't him de ûndernimmer de saek dêr iepen lei,  
Den jowch it alle hope op in flinke hege priis.  
Hy tocht, dat wol ik weagje. It wier oars al in griis!  
Sa 'n skoander fjird'el gûne fortsginne er net sa gau;  
Mar dy 't net weaget wint net. Dat moast der mar ris ou.  
Twahûnderd-tûzen gûne wier 't alderheechste lot;  
Dêr op to hoopjen, tocht er, dat 's siker wier to sot,  
Mar kry ik twyntichtûzen den komt it ek al by.  
En dan scil 'k handich meitse dat 'k ek in wîfke kry.

Het dy in foech kaptaeltsje, dat ha 'k er den op ta;  
En den scil 'k yette 't libben ris op in buordsje ha.

Nou gîng er, wîls 't er jimmer dêr oer oan 't tinken wie,  
It bosk ris tröch, en ear 't er ïn 't minst der erch ïn hie,  
Waerd der sîn namme röppen mei 'n ljeave fine stem.  
Dat dîch it nachtegaeltje, sîn frjûn, dy sei tsjin him:  
»Ik jowch dy trye rieden, dêr koeste winst mei dwaen  
For heel dîn ierdske libben; mar dat scil net bislaen.  
Dy rîk en wiis to kryen, dêrta sjuch ik gjin kâns.  
Don bljuwste hwetste biste, in earme domme Hans.”

Wy laitze om Hanze dwazens; fen sels, gjin ien fen ús  
Heart ommers by dat soarte fen domme Hanzen thûs.  
Mar dat se er machtich benne stiet, nei mân tinken,  
fêst.

Sjuch, as me ïn alle kranten dy advertensjes lêst,  
Fen grote lotteryen en help for mannich kwael,  
Dy 't oeral oanbean wirde, mei echte swetsers-tael,  
Tinkt my: de leden fen de biskaefde maetskippy  
Der benne fest in hopen ûngeve en wrakke by.  
Hwent waerden al dy middels net jimmeroan ûnt-  
bean,

Den koen' dy krantedokters net op in dûr bistean.  
Rjue mensken ha tofölle mei aerdichheden pield  
Der 't elk en ien net tsjin ken, en sa hjar sels vernield

**E**n ek hjar jild formalke. Hja habbe hwet forlern  
 Dat grif for altiid wei is en net wer komme ken.  
**M**ar om 't werom to kryen wirdt hoopjend alles leaud,  
 Ho dwaes ek en ûnmoglik, hwet mar de krante skrjuwt.  
**E**n as men alle hope en yens libbenswille mist,  
 Den sîket men yet bate by'n fromme evangelist.  
**M**en lit de hölle hingje en leaut for wier en wis  
 Al hwet mar bjusterbaerlik, en ûnbegriplik is.  
**M**en haldt yen oan in strieke, sa fier is alle kâns  
 Forbard. Ho föllen lîkje de fûgelfanger Hans,  
 Dy 't ût it bêste leksum gjin nut en foardeel lâkt,  
**M**ar ljeaver mâlle kinsten as goede middels brâkt.  
 Wy laitse hwet om sökken. Fen sels, gjin ien fen ús  
**H**Heart by dat dwaze soartsje fen domme Hanzen thûs.

---

### Nyjiers-Dicht.

---

Lang to libjen sündер lêsten,  
 Bulten jild, in prachtich hûs,  
 Bitsjes wirk en nöchlik rêsten,  
 Libbens-wille by de rûs;  
 Segen, wolfeart, fruchtber lân,  
 Sündheid, knappens, rûm forstân,

**F**rjûnskip, achtung röm en ear,  
**E**n hwa wit ho folle mear  
 Benne hjir de hertewinsken  
 Jimmer fen by tûznen mensken.  
**E**n dy röpp se elkoar ta  
**A**s we 't nye jier wer ha.

Sleurwirk is sök winskjen folle.  
 Selden kryt men 't ïn 'e hölle  
 Om to leauen: 't komt ris nei.  
**M**ar as 't al sa kaem; — o sei!  
 Den wier 't ïn 'e wrald, leau ik,  
 Skielk gjin warreboel mei skik.

Bleauen wy hjir tûzen jier,  
 Tink ho fol de wrald den wier!  
 Alde ljue mei grîze hierren,  
 Dy 't ïn 't salt bibiten wieren  
 En yet fleurich, sterk en sûn,  
 Kuiren oeral machtich rân.  
 't Waerd forfelend op in dûr.  
 Stêdden, dorpen roannen oer.  
 Oeral moast men hûzen boue.  
 Net in plakje scoed der bljuwe  
 Dat men yet bibuorkje koe.  
 Socht men in bisteau, men scoe

Jierren dêr op wachtsje kenne;  
 Selden wie'r in plak fakant.  
 Sûnder wirk forlegen renne,  
 Dat waerd alledeiske trant,  
 Sa 't se 't somtiids nou al ha  
 In dat greate Amerika.

Jonge bazen, snoad fen hölle,  
 Föl fen wîsheid, troch geleerd,  
 Mochten 't folk forljochtsje wolle,  
 Och, hja waerden nauviks heard.  
**Alderwetske stîve mannen**  
 Halden 't roer wis in 'e hannen,  
 En dy seyen: »For 't geröp  
 Fen dy pas útwûchs'ne ljuwe  
 Stean wy fen ús plak net op.  
 Sa 't wy dögge ken 't wol bliuwe." —  
 Mei in splinternye lear  
 Spile nimmen 't maklik klear.  
**Alde stammen fêst en dreech**  
**Achten jonge twigen leech.**

**Erven foel der selden foar.**  
**As der soms in rîkling stoar,—**  
**Ienkear waerd dat dôch ris matten! —**  
**Al wier sin kaptael ek great,**

't Gîng in hûnderdtûzen parten,  
 En den wier 't for nimmen neat.  
 Bern en bernesber, bernesberns bern,  
 't Oantal wier net oer to sjen.

Bleauen alle mensken sûn,  
 Den wier gled de kaert forjown  
 For de pil- en drankjeluwe,  
 En for hjar dy 't hannel drjuwe  
 In dy alderhanne waer,  
 Dy 't âs hoedet for gefaer.  
 Gimborn, Breetfelt, Theofile,  
 Zickenheimer, Holloway,  
 Koenen mei hjar kinst-laway  
 Den net langer lân bisile ;  
 Mar mei al hjar snoad forstân  
 Rekke grif hjar saek op 't strân.  
 En hwet misten den de kranten  
 Ek in bulte fêste klanten.  
 Ja, hie nimmen wrakke lea,  
 Tûznen rekken sûnder brea.

Hie gjin menske, nei sîn sin,  
 Jild to krap of fiers to min,  
 Hwet scoe 't rîk dêr ûnder lye.  
 Hwent de Haechse lotterye

Rekke stellich gau to neat.  
 Stied der noait in sack forkeard,  
 Hwer scoe 't mei notaris hinne?  
 Pas it nedichst koed er winne.  
 Ging der noait ris ien faillit,  
 Wetgelearden, inketslikkers,  
 Boelbiredders, saekbiskikkers  
 Wien hjar bûtenkanske kwît.

Mar kaem alle winskjen nei  
 Den libbe elk ïn deugd en earen.  
 't Kwea wier út de mensken wei.  
 Mar ho scoe 't den komme mei  
 Al dy geastelike hearen,  
 Dy 't hjir yet ont diss' tiid ta  
 Fry hwet op to knappen ha?  
 Sjuch, de himel wier op ierde.  
 Ljue, dy 't nou ús liede en riede,  
 Wieren glêd oertollich den;  
 Hwent wy wieren man for man  
 Better as de moaiste preek,  
 Dy 't ús helpe woe op streek.  
 Mannich saek scoe glêd forrenne.  
 Rjuchters scoen' we bûten kenne.  
 Doarbiwarders, abbekaten,  
 Riks-fjildwachters en soldaten,

**Marsjassees en brigadieren,**  
 Tichthûsfeinten en sipieren,  
 Hoofd- en under-officieren,  
 Fuselieren, kanonnieren;  
 Ek mineuren, tiraljeuren,  
 Ek dragonders en hûzaren  
 Wieren den unnutte snaren.  
 Prokereuren, kontroleuren,  
 Inspekteuren, visiteuren,  
 Direkteuren, superjeuren  
 En mear oare steuren, leuren,  
 Koene se allegjerre untslaen.  
 Mar hwêr moasten dy den hinne,  
 En hwêr scoen se 't brea mei winne?  
 Der wier neat for hjar to dwaen.  
 In in wrald sa bêst en goed  
 Moast in hele greate smite,  
 Dy 't nou fen 't great heablok ite,  
 Wis forfalle in earremoed.

Earremoed? Né, hou ris hwet!  
 Earremoed dat wier der net.  
 Nimmen wist fen krapte-lyen,  
 Noch fen sorch om jild to kryen.

Mar wier alleman sa rîk

As elk for him sels graech winske;  
 Nou, den wier ek eltse menske  
 Hjir op ierde krekt allik.  
 Hwa woe den him brûke litte  
 Om to bodsjen for in oar?  
 Hwa woe skreppe, hwa woe switte,  
 Of fortut-earsje op 't kantoar?  
 Hwa woe deis mei folle lyen  
 Den in oar sîn domme bern  
 Les jaen en nei de eagen sjen,  
 Om hjar kennis ta to kryen?  
 Hwa woe mei 't gewear den sjoue ?  
 As in laem sa dildich bljuwe  
 Under skelden en geflok ?  
 Hwa woe op in hege bok  
 Den by nacht en ûntiid ride,  
 Under buyen kald en wiet,  
 Wils 't op kjessens, seaft as side,  
 Binnen ïn in oaren siet ?  
 Elk scoe altiid en oeral  
 Sels him mar bitsjinje kenne:  
 Learzens pûtse, boadskip-renne. —  
 Sikerwier, den waerd it mâl.  
 Den moast jiffrou en mefrou  
 Sels hjar eigen hoazzen stopje;  
 Matten en tapiten klopje !

Jiffers koene net as nou  
 Flinterknippe, sliere en swiere,  
 Mar hja moasten poatstrou-riere,  
 Bakke, briede, snye, kapje,  
 Of hja moasten hûngerlapje. —  
 Den waerd alte mode ny,  
 Hwent my tinct, wy scoene ûs klaye  
 Mei de bast fen skiep en ky;  
 Nimmen dôch woe for ûs naye.  
 Elk moast skroarje sa 't er koe;  
 En 'k wol leauwe, mannich scoe  
 Dat net leare kenne of wolle  
 Nei de mode fen Parîs.  
 Derom tinct my folgen folle  
 Mar de trant fen 't Paradîs.  
 Pronkjen wier den ek neat oan.  
 Mei in uterlik fortoan  
 Boppe in oar it ût to heljen,  
 Dat wier den gjin eare mear.  
 Elk koe 't like goed bitelje;  
 Elk wier like great in hear,  
 Sokken dy 't neat ljeaver dwaen  
 Aa oer oare ljue regearje,  
 Kommedearje en baer feksearje,  
 Hwet scoe sokken 't libben jaen?  
 't Waerd forfelend hjar en sûr.

Wille hien'se for gjin stûr.

Wieren alle fammen kein,  
 Moai fen kop ta foutten-ein,  
 En fen bûten en fen binnen  
 Ljeaf en goed as engelinnen:  
 t' Alledeisk en t'algemien  
 Wier dat moaye den misskien,  
 Nimmen scoe 'r de holle om brekke.  
 As der oeral op 'e wei  
 Dyamant by bulten laei,  
 Hwa woe 't ïn 'e bûse stekke?

Wiene er nearne stumpers mear,  
 Alle hollen skerp en klear;  
 Hien' we gekken mear noch dwazen,  
 Dwepery noch dompers-bazen:  
 Alle folks-forljochtery  
 Laei den glêdwei op 'e side,  
 En dat bringt hjir dôch by tîden  
 Folle fleur ïn 't libben by.  
 Wist gjin ien mear as in oar,  
 Den scoe 'r neat to freegjen bljuwe,  
 En sok tsierend kranteskrjuwen  
 Lîk as nou foel den net foar.  
 Skimpfen, smeulen, stikelstekken

Op in oar sîn lek en brekken  
 Jowch den ek alheel nen bît.  
 Ulespegel gîng faillît.  
 Hwer scoene op in kreambisite  
 Frouljue den de tiid mei slite?  
 Né, den wier for tûznen ljuw  
 Glêd de noct hfen 't libben ou.

Wieren we allegjer forljocht.  
 Nimmen hoefde er ûnderrjucht.  
 Né, den foel der neat to learen,  
 To foroarjen, te bikearen.  
 Elk wist alles wîr en wis,  
 Nimmen wier de planke mis.  
 Elk die krekt nei rjucht en reden,  
 Wier mei alles bêst to freden.  
 Tsjinspraak kaem er noait to pas;  
 Elk wier earlik flink en kras.  
 Bang as fjûr fen harrewarjen,  
 Of in oar to mûk to narjen.  
 Ja en né, dêr 't wier mei ût.  
 't Menskdom, goed en froed as skiep,  
 Foel, wol 'k leauie, ta bislût  
 Fen forfeling ïn 'e sliep.  
 Ja! — dat winskjen op Nyjier,

Waerd dat allegjerre wier,  
 't Joweh hjir wis in warreboel;  
 Dy 't ûs tige min bifoel.  
 Noait gjin moeite, altiid rest,  
 Dat waerd grif it greatste lest  
 Dat wy hjir bilibje koene.  
 As 't sa kaem, ik leau wy scoene  
 Gau wer winskje nei de tiid  
 Fen gehispel en gestriid.  
 Wrotten, wramen om fortsjinst,  
 Mei it faek biswierlik falle,  
 Skreppen om hwet eare of ginst,  
 Wirdt dat soms ek swiid forgalle,  
 Der bljuwt dôch ûs maetskippy  
 Better sun en tierich by.

Wiene in 't urwirk alle rdden  
 Like great, ho scoe 't den gean?  
 't Waerd in stofnest en bleau stean.  
 Wiene in dorpen en in stdden  
 Alle mensken like mansk,  
 Op foartgong wier gjin kns?  
 Greaten matte litsen drjuwe,  
 Litsen drjuwe ek greaten om.  
 Sa ken 't urwirk geande bljuwe,  
 En de wicht is *Matten*-om.

»Mar it ken hjir folle better,"  
 Seit licht immen. En dat 's wier!  
 Wol er mei dwaen, nou, den het er  
 Net to rennen mâlle fier.  
 Ik scoe sidze, den het elts  
 To bigjinnen mei him sels.  
 't Midden fen de hele wrald  
 Dat is elk sîn eigen *ik*.  
 As men der it each op haldt  
 Rent hjir alles wol mei skik.  
 Hwet wy fen de wrald ek sizze,  
 Hwêr 't wy oer to skimpen lizze;  
 Hwet men prisget, hwet men lekker,  
 Moai forgnist of finnich rekket:  
 't Teikent licht de maetskippy;  
 Mar ek grif yen sels der by.

En nou tocht my, as de mensken  
 Elkoar mar it bêste winsken,  
 Dêr wier sêd genôch mei sein.  
 Bart der net hwa wit hofolle,  
 Dêr 't wy ljeaver fry fen wolle,  
 Dat ûs foardeel wirdt in 't ein?  
 Nou, — ik winskje den for 't lêste  
 Ek jimme allegjerre *it bêste!*

---

